# SPULWIKE JUNGLE

Tredde jiergong - 24 oant en mei 29 july 2005



Kampkommisje lúzebaantsje??

Docht de lieding it foar de bern?

Bern stjoere âlders nei hûs!

No noch fetter!!

SPULWIKE LITTENSERADIEL

spulwike-littenseradiel.nl

## Fan de foarsitter

Wy hawwe wer in fantastyske Spulwike efter de rêch! De temperatueren wiene net eksoatysk, mar alle aktiviteiten koene wol trochgean: survivals, spultsjes troch doarp en gemeente, optochten troch de doarpen; om it waar hoegde it net oer te gean. 650 bern hawwe har wer in hiele wike mei in soad wille yn it swit draafd.

De Spulwike is fansels in feest foar de bern, mar ek foar de sirka 150 frijwilligers dy't by de wike belutsen binne. Dy binne nammentlik al moannen yn it foar yn it spier mei de tariedings. Dy sette bygelyks in nije rûte foar in oerlibbingstocht út, ûntwerpe in dekor, beskilderje en betekenje t-shirts foar de bern, en gean sa mar troch. Mei de tariedings is it al gesellich, yn de wike sels hielendal. It is net tafallich dat de measte frijwilligers jierrenlang by de Spulwike belutsen bliuwe en altyd sa'n muoite hawwe mei ôfskie nimmen. Dan dochs noch mar in jierke langer troch?

Dochs komt der ris in momint dat it tiid wurdt foar wat nijs en dat jo in Spulwike-perioade ôfslute. Fansels is it bêst dreech om it los te litten, mar ferjonging an sich is net ferkeard. Want de Spulwike moat troch, mei yn 'e tiid en kin altyd wol nije entûsjaste minsken brûke. De minsken dy't fan it jier nei safolle jierren der mei ophâlde, wol ik op dit plak graach tank sizze foar har geweldige ynset.
Bern, lieding, haadlieding, stipers, mediateam en alle oare frijwilligers dy't har op hokfoar wize dan ek ynsetten hawwe foar de Spulwike 2005: hartstikke bedankt foar it mooglik meitsjen fan dizze geweldige wike!

Ut namme fan 'e stifting, Edwin Meester.







## De Spulwike: hoe siet dat mar wer?

WEIDUM / EASTERWIERRUM / LITTENS - De Spulwike is yn 1972 benammen yn it libben roppen foar bern dy't net op fakânsje koene. Yntusken is it sa dat de measte bern dy't op in basisskoalle yn Littenseradiel sitte, har âlden oer it generaal wol sa fier krije dat se har fakânsje yn alle gefallen wol útstelle oant nei de Spulwike, dy't fan it jier fan moandei 25 july oant en mei freed 29 july hâlden waard yn de doarpen Easterwierrum, Easterlittens en Weidum. Yn Easterwierrum sieten de jongste bern (groep 3 en 4), de bern fan groep 5 en 6 diene oan de Spulwike yn Easterlittens mei, en de âldsten (groep 7 en 8) wiene yn Weidum.
It waar wie wat wikselfallich, mar al in stik better as ferline jier. De sirka 650 bern fermakken har yn alle gefallen poerbêst. Se waarden ûnderwurpen oan swiere survivals en diene entûsjast mei oan knock-out shows, foksejachten en oare spultsjes troch de doarpen fan de gemeente Littenseradiel. Fierder fierden se toanielstikjes op en hawwe se oan it swingen west yn 'e disko. It hat foar de organisaasje net nedich west om saken ôf te lassen fanwegen it waar; alles gie gewoan troch.
Foar de bern yn Easterwierrum en Easterlittens wie de Spulwike op tongersdei ôfrûn; de bern yn Weidum giene in dei letter nei hûs; dy binne de nachts sliepen bleaun. De tongersdeis hiene de bern yn Easterlittens de Spulwike al ôfsluten mei in optocht troch it doarp. Easterwierrum wurket mei twa groepen, dy't beide twa dagen fermakke wurde. De twadde groep slute, lykas de earste groep de tiisdei te jûns al die, de tongersdeis har Spulwike ek ôf mei in optocht.

## Redaksjoneel

Foar it tredde jier yn suksesje hawwe wy as Spulwike Mediateam op en paad west. Yn fernijde gearstalling. Tjerk Kooistra, Wybo Smids en Tsjerk Bottema bleaunen, mar Teake Posseth en Klaas Greidanus fûnen it wol moai west. Dat sadwaande dat wy de iene Klaas ferfongen hawwe troch in oare Klaas: Klaas de Jong fan Mantgum. It wie al in skoft lyn dat dizze Klaas sels as bern oan 'e Spulwike meidien hie, dat hy koe mei in aardich frisse blik ferslach dwaan fan it hiele Spulwike-barren.

Jim hiene faaks fan ús tocht dat wy mei wyld bestickere reportaazjeweinen en in mediakaravan alle trije doarpen oandwaan soene, mar wy hawwe der fan it jier foar keazen om ús mar wat mear low profile op te stellen. Nei twa jier wit elkenien aardich wa't wy binne, tochten wy sa. Om dy reden koene wy ús wat mear konsintrearje op ús echte wurk: it skriuwen fan de krante. No ja, krante... It is einlik gjin krante mear. Nee, it is no in echte glossy wurden; in Spulwike magazine. Dy fernijde opset joech ús ek wer nije ynspiraasje. Wy hoopje dat jim dat yn dit blêd werom sjen kinne.

Dit Spulwike Magazine jout jim, bern, âlders, frijwilligers en (oare) ynwenners fan Littenseradiel in totaalbyld fan wat der allegearre op it program stiet yn de trije Spulwike-doarpen Easterlittens, Weidum en Easterwierrum. Lokkich koe it blêd ek fan it jier wer hûs oan hûs yn de hiele gemeente ferspraat wurde, diskear in skoftsje nei de Spulwike sels, tagelyk mei de Skille.

Oant oar jier! SMT.


## Colofon

**Media Team**

Klaas de Jong
*Skriuwer, fotograaf*
Tjerk Kooistra
*Skriuwer, fotograaf*
Tsjerk Bottema
*Skriuwer, fotograaf*
Wybo Smids
*Foarmjouwing, skriuwer*
Jehannes Monsma
*Fasilitêre foarsjennings*

**Printwurk** : **Drukkerij van der Eems**
**Fersprieding** : **Op 'e Skille**
**Oplage** : **4.600 stiks**

**Sponsorkommisje**
Henk Ernst, Sabine Dijkstra, Cees Sietsma, Wybo Smids, Albert Jonker.

**Columnisten**
Jan Tiede Bouma, Jens van der Laan, Sybren van der Meer.

## Yntroduksjespultsjes foar de lieding: Littens en Easterwierrum hâlde it net droech, spul fan Weidum falt yn it wetter.

**EASTERLITTENS / EASTERWIERRUM / WEIDUM - Jo ferslachjouwer kaam sneintejûn yn Littens op it fjild oan en seach dêr net ien. Mar de yntroduksjespultsjes fan de lieding soene hjir dochs hâlden wurde? Neifraach learde dat de Spulwike-lieders it doarp yn gien wiene. Yn Littens hâlde se net fan droege fuotten; dat witte de bern, en dat wit de lieding. Fandêr dat it ek net de bedoeling is dat de Littenser lieding yn 'e sneinske klean en mei skjinne sokken de ûntgriening trochstiet. Dy ûntgriening wie oan de iene kant hielendal Spulwike, mar oan de oare kant wie der dochs ek wol echt sprake fan jungle fever.**



*Lieders wurde ûngriene*



*Easterwierrum ûnder seil*

Om überhaupt oan it spul dielnimme te kinnen, moasten jo earst yn oarlochskleuren beskildere wurde. Dêrnei gie it der om sa gau mooglik in typysk bakje Spulwike-ranja, servearre mei in jungle-banaan, fuort te wurkjen. En dêrnei fansels it wetter oer; no ja, wetter oer; it wetter yn, sis mar. Mei in missy: sjen in pamper mei in aai droech oer te krijen. It mediateam wie manmachtich oanwêzich, mar hat gjin Littenser Spulwiko's ûntdekke kinnen dy't droech de oare kant fan it wetter helle hienen; hoe't it mei pampers en aaien gien is, is ús net dúdlik. Op 'e wâl wachte noch in sjippebaan: bûkskowe en de pamper mei it aai op 'e rêch.

Doe't wy yn Littens wiene, foelen de earste dripkes al, mar dêr wie noch oerhinne te kommen. Underweis nei Easterwierrum foel de rein lykwols al mei bakken út 'e loft. It ûnderkommen fan de lieding yn Wierrum wie wer âlderwetsk smûk en de ûntfangst wie wer fantastysk. De Easterwierrumers wachten noch eefkes op better waar, mar kamen doe al rillegau ta de konklúzje dat soks der net yn siet. Dat sadwaande dat de ûntgriening fan Easterwierrum yn 'e streamende rein plakfûn. De logika fan de Wierrumer lieding is it mediateam net hielendal dúdlik. Hja stiene mei syn allen ûnder in dekseil, neist de feart. Dat dekseil wie fansels bedoeld om te skûljen, dat safier neat oan 'e hân, mar dy feart, ja, dêr moasten hja úteinlik dochs allegearre yn, dus wiet wurde jo dan dochs, soene jo sizze. Hoe't it yn syn wurk gie? De twa groepen mei lieders, tsjinoer elkoar en ûnder sa'n seiltsje, wikselen om bar fragen en antwurden út. Hiest it goede antwurd jûn op in fraach, dan moast de fragesteller de feart yn, wiest mei dyn antwurd mis, dan koest sels dy feart troch. Dêr oerhinne lei in soarte fan brêge, opboud út flonderkes oerhinne, mar stabyl wie dy net. Dat sadwaande dat de measte lieders fan Easterwierrum al rillegau it wetter yn knoffelen. Easterwierrumer mikrofoanman Ytsen van der Meij hie wat langer wurk; dy syn slipper wie yn 'e blauwe drek hingjen bleaun en moast earst opfiske wurde.

De yntroduksjespultsjes foar de lieding yn Weidum binne oer it generaal wat minder spektakulêr as yn 'e oare doarpen. Fan it jier wie der lykwols wat fan makke: in libbend tafelfuotbalspul. Libbend tafelfuotballe is der lykwols net; de ûntgriening yn Weidum soe wat letter begjinne as yn 'e oare doarpen, mar doe't de Weidumers begjinne soene, eazge it sa, dat it yntroduksjespul mar ôfblaasd waard.

## Jungle Book en Lion King yn Littens, Easterwierrum en Hakunamaweidum

LITTENS/EASTERWIERRUM/WEIDUM - As alle fergaderingen west hawwe, de spultsjes betocht binne en de programma's klear lizze, kin it feest echt begjinne. Yn de trije doarpen ferskynt de lieding op de sneons foar de Spulwike en op dy dei sil alles opboud wurde.
Yn Easterlittens meitsje hja tradysjegetrou in grutte sirkel mei dêrfoar in grut boerd alhiel yn it tema. Fan it jier binne der dus apen, bearen, lianen en sa fierder skildere op de allemachtich grutte houten plaat. De lieding en bern meitsje it plaatsje de moandeis ôf troch de sa karakteristike Spulwike-tintsjes op te bouwen.
Yn Easterwierrum wurdt alle jierren op de sneons de tribune delsetten, de blau-giel-reade Spulwiketinte en in poadium, fansels ek moai makke yn in tematysk jaske getten. Yn Easterwierrum hawwe hja der foar keazen om it tema fierdere rjochting te jaan troch spesifyk te kiezen foar plaatsjes út de ferneamde Disneyfilm The Lion King. Ek yn Easterwierrum meitsje bern en lieding de rest klear op de moandeis (en op woansdeis, as de twadde lichting bern komt).
Yn Weidum wurdt sûnt in tal jierren wurke mei in troch platen ôfbeakene arena. Op dy platen binne ôfbyldingen te sjen fan Jungle Book en Lion King-taferielen. Fan it jier hawwe de bern dy taferielen sels fierder ynkleure. Fansels meie it skoareboerd en de grutte plaat mei it Fryske folksliet net ûntbrekke. En Weidum sels is spesjaal foar dizze iene wike omdoopt yn "Hakunamaweidum". De sneins is der foar de lêste tariedings; de ferve wurdt opromme, it seachsel wurdt opfage en de kwasten droege. It wachtsjen is op wat de bern der fan fine en der fan meitsje.




*De Weidumer arena wachtet op de earste bern*

*Boersma's glês- en skilderwurk*

Tjerkebuorren 3
9021 CH Easterwierrum
Till. 058 - 250 18 24
Fax 058 - 250 19 31
Mobiel 06 - 29 27 27 18

PAINT4U www.paint4u.nl
WATTYL
SOLAGARD PLUS

*Kafé Restaurant Bergsma*



*Easterein*

FOAR AL JO BRULLOFTEN EN PARTIJEN
Ek leuk foar jiedeifeestjes.
Kanoarrangement mei patat, appelmoes & Ranja foar € 6,95

Telefoan 0515 331290 E info@cafebergsma.nl

**Holle Bolle Sûkerbôle!**

Foar de lekkerste sûkerbôle, brea en banket.
Geane jo nei Posthuma,
de *Echte* Bakker



De *Echte* Bakker
**Posthuma**
Wommels - Bolsward - Sneek - Tel. 0515-331406

l o o n b e d r i j f



**A.S. GREIJDANUS**

J E L L U M

06 - 207 44 170

Autohuis Winsum
CNOSSEN & VAN DER VAART

Hét vertrouwde adres voor uw auto!

St. Michaelsberch 9 • 8831 ZM WINSUM
Tel 0517-341917 • Fax 0517-342562
E-mail info@autohuiswinsum.nl

Kijk voor ons aanbod op www.autohuiswinsum.nl

Elke week een leuke portie ontspanning in huis!

**www.atlasleesmap.nl**

Kom eens kijken als U durft?!

058 2890688

Klussenbedriuw *It Wiel*

- Ontwerp, aanleg, onderhoud tuinen.
- Sierbestrating.
- Walbeschoeiing, steigers, terrassen, tuinhuisjes.
- Constructiewerk, technisch onderhoud machines.
- Laswerk, reparatiewerkplaats.

Bornialeane 209024 EM Weidum
Tel. 058-2552900 - 06-22385802
Fax. 058-2553646

**bootsma**
**bouwbedrijf b.v.**

Doarpsstrjitte 8
9021 CL Easterwierrum

Tel. (058) 250 13 25
Fax. (058) 250 14 15

# Fulltime job yn 'e kampkommisje



**WEIDUM/EASTERLITTENS/EASTERWIERRUM - Der binne in protte funksjes yn de Spulwike organisaasje; Stiftingsbestjoer, haadliedingen, materiaalmannen, sponsorkommisje en mediateam. Allegearre dúdlike nammen; fan dy kommisjes wêrfan't jo daliks witte wat se dogge. Mar dan is der ek noch soks as in kampkommisje. Wat dogge dy? Is dat sa'n luzebaantsje?**

Wy hawwe ris op ûndersyk út west om te sjen hoe't sa'n kampkommisje no eins krekt wurket. Om der wat gefoel by te krijen, waard ik útnoege om woansdeitemoarn it moarnsiten foar de lieding yn Weidum klear te meitsjen. Wy as mediateamleden skrilje eins nearne foar tebek, dus ach... wêrom ek net? "Oké, moarnier kertier foar sânen hjir by it doarpshûs yn Weidum", sei kampkommisjelid Wilma, lykas wie it de normaalste saak fan de wrâld om der sa ferrekte betiid ôf te kommen. Dat binne wy Mediateamleden net wend, no! Mar goed; ik wie der om 6.45; earst moast der bôle helle wurde by de bakker yn Boksum. Doe't wy werom kamen en de bôle it doarpshûs yn sjouden, hearden wy de 'wekmuzyk' fan it liedingkamp 500 meter fierderop. Se moasten dêr wekker wurde, om't it iten al klear stiet. Itselde iten dêr't se wer in dei op draaie moatte. Wy hiene foar myn gefoel al in dei hân. As in heal oerke letter alle lieding oan de tafels sit te iten, haw ik noch efkes in petear mei Tialde Ploegh en Wilma Abma fan de Weidumer kampkommisje. Se fertelle my oer de ranja en molke foar de bern. Wol de lieding drinken foar de bern, dan betsjut dat 2 x 30 ranja liter en 1 x 30 liter tee deis. Sa giet dat de hiele dei wat troch. Oan de ein fan 'e middei moat de kofje klear stean foar it neipetear. Dat bart efkes tuskentroch, om't der om dy tiid ek foar 40 minsken iten makke wurde moat. Pasta mei Tagliatelly-reammesaus, Hin-Tandoary, ierdappels mei in gehakbal, of byfstikken yn in prachtich moai oanklaaide seal. En dat alles fansels yn styl. En wy as mediateamleden meie dêr altyd fan meigenietsje; wy binne oan de ein fan de dei nammentlik ek wol wat roppich.

Nei it iten wurdt alles wer ôfrêden (gelokkich helpt de lieding dêrby) en fuortendaliks alles al klear setten foar de oare moarns. De tongersdeis bliuwe de bern sliepen en dy wolle dan moarns wol in stikje bôle. Dat betsjut dat der de tongersdeitejûns 800 broadsjes smard wurde moatte.

Nei it petear mei Tialde en Wilma, ferfolge ik myn reis by de kampkommisjes del, al gie ik eins leaver earst efkes plat om wat "ynspiraasje" op te dwaan. Mar goed....

Easterwierrum is it folgjende plak dêr't ik del sil. Dêr pakke se it hiel oars oan. Moarns wurdt der bôle helle en hawwe de lieders korvee. Yn Easterwierrum dogge se dat dus allegearre mei elkoar. Jester Nynke fertelt my dat der middeis jirpels kocht wurde: "dy bringe we dan by Koen; dy skylt se dan wol even foar ús".

Sa wurde der ferskate ynwenners (lykas itensierdersmemmen Doortje en Griet) fan Easterwierrum ynskeakele om te soargjen foar de lieding fan "Wierrum". No is it fansels ek sa dat de lieding fan Easterwierrum op de tiisdeis en de tongersdeis pankoeken mei de bern yt, dat dan is in kopke sop jûns wol genôch. Foar it bakken fan de pankoeken wurdt hiel Easterwierrum ynskeakele. Sa wurde der hûnderten pankoeken bakt. It liket simpel, mar it moat like goed allegearre wol efkes regele en útfierd wurde.

As lêste die ik Easterlittens oan. Dêr is wol wer in fulltime kampkommisje. Twa man: Warren en Willem. En as help by drokte is Wieke der. Se hawwe it moai yn 'e macht, roppe se. Yn Littens hawwe se bygelyks wol in korveelist. Fan alle lieding wurdt ferwachte dat se mei helpe te jirpels skilen. Se binne suver grutsk, as se fertelle dat se yn de hiele wike sa'n 1200 liter ranja produsearje, 30 kilo jirpels skile, ensfh. De iene jûn slagget it lykwols al better as de oare. Sa hawwe se op de tiisdeis mei syn allen chili con carne iten. "Hearlik", seit Wieke, "Mar jûns, doe't wy mei syn allen yn dy grutte tinte leine te sliepen, hiene wy dêr wol spyt fan."

It is my al opfallen dat it aardich oanpoaten is om it iten foar 150 frijwilligers op tiid klear te krijen. Om noch mar te swijen fan de 600 bern dy't "Wieke, wy wolle ranja hawwe" steane te roppen. Nee, yn 'e kampkommisje sitte is in fulltime job yn de Spulwike-organisaasje. Dan kinne wy no miskien wachtsje oant de minsken begjinne te roppen dat wy as mediateam sa'n luzebaantsje hawwe. Mar dêr hoege wy ús einlik net sa'n soargen oer te meitsjen, want wa sil dêr no in stik oer skriuwe? Wy hawwe der sels gjin tiid foar!

THUIS IN TECHNIEK

- Leidingsystemen
- Slangen & koppelingen
- Beregening
- Pompen
- Elektra

o Sanitair
o Verwarming
o Bouwproducten
o Agro & tuin
o Persoonlijke bescherming

TECHNISCHE CATALOGUS

Bel voor gratis catalogus!!

Wildkamp®

www.wildkamp.nl

Hoofdkantoor: Lutten (Ov.), Tel.nr. 0523-682099
St. Michaëlsberch 2, Winsum (Fr.), Tel.nr. 0517-342330

Eetcafé Dorpshuis
'**t Skipperke Baard**



*Het oudste en gezelligste bruin café in Baard*
*Dat is echt de moeite waard*

*Voor al uw: Feesten*
*Snacks*
*Vergaderingen*

***Tot ziens bij Jaap en Ida***
*tel.: 0517 342288*

Bouw- en Restauratiebedrijf
**Sytse Douwe van der Vegt BV**



Hegedyk 3a
9024 EB **Weidum**

Telefoon : 058 – 251 92 47
Fax : 058 – 251 98 60

Sinds1938

Restauratie/Renovatie
monumentale gebouwen
en boerderijen

**Op zoek naar DE Schilder?**

VAN DER HEIDE
Schilders Wirdum

degelijk en vertrouwd !

telefoon 058-2553491 / 06-21895488
www.vanderheide-schilders-wirdum.nl

administratiekantoor Brinksma

Bredyk 9, 8525 EP Langweer
T (0513) 499300 • F (0513) 499713

***Bij goed ondernemersschap speelt een overzichtelijk administratie een belangrijke rol.***

Als klein kantoor kunnen wij voor u

TEGEN ACCEPTABELE TARIEVEN
PROFESSIONEEL UW BOEKHOUDING,
LOONADMINISTRATIE EN
BELASTINGAANGIFTE VERZORGEN.

***Bel gerust vrijblijvend voor nadere informatie.***

*De tentsetter van het Noorden!*

- Tenten voor elk feest!
- Inrichting van A tot Z!
- Catering op maat!

Avondsterweg 8a
8938 AK Leeuwarden
Tel. 058 - 251 92 02
info@wbw-tentenverhuur.nl
www.wbw-tentenverhuur.nl

**W.B. Wiersma**

Tentenverhuur - Evenementenverhuur - Catering



Nedac Sorbo
Specialist in non-food

**Nedac Sorbo b.v.**
Postbus 1000
NL-6920 BA Duiven
T: 026-319 44 44
F: 026-319 44 55
info@sorbo.nl

BAKKERIJ Sybesma
BOKSUM-DEINUM-WYTGAARD

Bakkerij Sybesma staat niet alleen klaar met haar brood, koek en banket, maar heeft naast dit alles ook nog andere dingen te bieden zoals:

**ontbijtservice, cijfertaarten of cadeaumand.**

Boksum 058- 254 13 23 - Deinum 058 - 254 19 19

## Pumba's en poemafangers yn Easterwille

**EASTERWIERRUM Op it kamp fan Easterwille wurdt de dei iepene mei in jungle-estafette en libbend stratego-spul, mar dan mei bisten. Mei dy spultsjes kinne de bern materiaal fertsjinje om har tintsje mei op te bouwen. De bern fan Spulwike Easterwierrum hawwe har t-shirts dan al krigen. Op dy shirts steane de groepsnammen; sa binne der bygelyks de Pumba's en de Shere Kanen, ôflaat fan The Lion King. Fierder rinne der ek noch "poemafangers" yn Easterwierrum om fan 'e wike. Pumba's en Poemafangers; dat byt elkoar net, no? Faaks dat dizze poemafangers nei de Spulwike ris op 'e Feluwe sjen kinne oft se dat bist dêr te pakken krije kinne.**



*De Spulwike Easterwierrum kin begjinne*

Yn Easterwierrum wurdt altyd in soad songen. De ferskes binne fan it jier ek op it tema oanpast. Sa klinkt der út in dikke hûndert bernekieltsjes, op de wize fan "The Lion sleeps tonight": "Apen, bearen, oaljefanten, feest foar elkenien, oewie, wiedamwiedamde wiedamdamdam-mewee!" Foardat de bern oan it sjongen wiene, hiene se har tintsjes al opsetten. Dy steane der smûk by, groepearre om de Wierrumer tribune hinne. Nei de sjongerij, de ranja, sûkelademolke en it iten, kin it middeis-program dan begjinne: in spul troch it doarp. In spul om de punten, en de groepkes moatte dêrby fansels tsjin elkoar stride. Hokker groepke kin de moaiste jungletekening op te stoepe krytsje, wa slagget it om de measte hoepels om in pilon te goaien, wa is it rapst mei it blokjerinnen, it mei in blyndoek ôflizzen fan in yngewikkeld parkoer, it skippybaljen en it snoephappen yn in bak wetter?

Guon fan de bern fan groep trije, dy't fan 't jier foar it earst oan de Spulwike meidwaan kinne, wiene oan it begjin fan 'e dei noch in bytsje bleu; se wisten noch net krekt wat har te wachtsjen stie en woene yn earste ynstânsje einlik it leafste by heit of mem bliuwe. Mar de heiten en memmen krije op in bepaald stuit dochs dúdlik te ferstean dat se fuort moatte: "dach heit en mem", wurdt der yn sa'n gefal songen. Jo ferslachjouwer hat fan it jier lykwols net tsjûge west fan drama's; yn eardere jierren hie in berntsje noch wol ris in soad fertriet as heit of mem úteinlik dochs it fjild ferlitte woene, mar fan it jier holden de bern har grut. En oan 'e ein fan 'e dei, dy't fansels wer ôfsluten waard mei sjongerij, wiene de measte bern al fergetten dat se oan it begjin fan 'e dei noch graach woene dat heit en mem bleaune, sa goed hiene se har de hiele deis fermakke. Moarn sjonge se fêst like entûsjast "dach heiten en memmen" as de lieding dat hjoed die.

### JUNGLE TIEDE

**Nautysk wûnder**

Rinnend, triuwend en swimmend efter ús sels boude nautysk wûnder, bemerk ik dat der in bern mist. Myn kollega-lieders Maaike en Leonie rinne op 'e kant; de oaren moast ik sjen kinne. "Wêr is Pieter Sybren?", rop ik. It antwurd komt al gau en liket nei de oerlibbingstocht fan juster wol logysk: hy wie ek al gau yn de feart sprongen en lûkt no foar oan it flot. Mei fjouwer peddels is it foar njoggen bern en in lieder dan ek min roeien. Nettsjinsteande dy krapte kwa peddels, stoke we elkoar op om yn de "Amazone Rivertrip" sa gau as mooglik de Swette te berikken. Janetta en Marijke lykje wol bûtenboard motoaren en de roeiers kieze ien foar ien foar it rinnend swimmen, ynstee foar de peddels. Kjeld is in wurd dat we net kinne; wurgens like min. It is my wol dúdlik: hjir wurde grinzen ferlein.

## Bern sykje lieders

EASTERLITTENS - De bern yn Littens begjinne de earste dei yn in grutte rûnte. Alle bern wurde ôfroppen en wurde yn groepkes setten. Sy meie allegear in lieder útsykje. Fansels wurde as earste alle 'leuke' lieders útsocht. It mei in wûnder hjitte dat Libbe Poppema net as lêste útkeazen wurdt. Nei alle gedachten ha de bern dy't him útsocht hawwe ferline jier noch yn Easterwierrum sitten en wienen hja net op de hichte fan it feit dat Libbe fierwei it luiste fan alle lieders is. Mar dat iene groepke trof it, want de lieders dy't sy útsocht hawwe wienen net de echte lieders. De echte lieders koenen hja yn de buorren fan Littens fine oan de hân fan kaartsjes dy't de bern en lieders oan elkoar sjen litte moasten.

Doe't de bern en lieders elkoar fûn hienen, koenen de mouhimden útdield wurde. De lieders hawwe har wer útlibbe (de ien wat mear as in oar) en it seach der allegear prima út. Us ferslachjouwer op lokaasje seach snotapen, luiaards, liuwen en krokodillen om stappen. Mar der wienen ek lytsere bisten, ien groepke wie ferklaaid as strontmiggen.

## Jentsje: 'Der moat mear skoard wurde!'

EASTERLITTENS - Moandeitemiddei wie it tiid foar spultsjes yn Easterlittens. Alle bern koenen mei njoggen ferskillende spultsjes punten foar harren groep byelkoar garje.

Spitigernôch wie der in protte lek; net allinnich de skippyballen stienen plat mar ek in brânslang wie lek. Spullieder Jelle Anema hie de hannen fol oan it tichthâlden fan it gat. Materiaalgoeroe Sytse Rodenhuis wist mei ducktape de grutste skea te beheinen.

Ek aardich wie it blyn follybaljen, mei oan de kant Jentsje van der Wal, dy't tsjin de bern stie te razen: 'Der moat mear skoard wurde!' Wat hy dêr krekt mei bedoelde, bliuwt ûndúdlik.



*Moerashappe yn Easterlittens*

AMMINGA
RANSPORTEN



Voor al uw:
- Veevervoer
- Speciaal paardentransport
- Bulktransport
- Kippertransport
- Hooi en stro transport





Fa. E. TAMMINGA & ZN
WEIDUM
tel.: 058- 2510219/2519638
*meer dan 60 jaar agrarisch vervoer*

TMB
TECHNISCH METAALBEDRIJF
DE JONG B.V.
WOMMELS



**MEER DAN 35 JAAR OPTIMAAL VAKMANSCHAP**
uw adres voor:
**C.N.C. DRAAIEN / FREZEN - MACHINEBOUW - LASSEN**
**tel** 0515-331627 **fax**: 0515-332731 **e-mail** info@tmbdejong.nl
**www.tmbdejongbv.nl**

Terra Nova
HOVENIERSBEDRIJF

- tuinaanleg
- onderhoud
- hydrocultuur
- vijveraanleg
- bloemen en planten
- enz.

Lege Dyk 35 - 9088 AA Wirdum (Fr.) Tel (058) 212 19 97



*Terpstra & Kooi*
accountants en adviseurs

Hegedyk 7 8601 ZR Sneek
Telefoon (0515) 430465 Fax (0515) 412426
Email info@terpstraenkooi.com



Haakma
Metsel-
Voegbedrijf

Terp 18
8731 AZ Wommels
www.haakma.info

**Tjiske Haakma**

Tel. 0515-332776
Fax 0515-332633
Mobiel 0647-026181
E-mail t.haakma@planet.nl

Voor gevelrenovatie- en restauratie het juiste adres !

**Marne** Techniek
*De totaalinstallateur*



De Lange Baan 11, Postbus 30, 8730 AA Wommels, Telefoon (0515) 33 25 33, Telefax (0515) 33 25 43



*LEANBEDRIUW*
EN
*KRAANFERHIER*

**OKKEMA**

www.okkema.nl
E-mail: okkemaleanbedriuw@hetnet.nl

**EASTEREIN 0515 - 331366**

**P.TERPSTRA CONSULTANCY**

Agrarische dienstverlening

De Finne 14
9022 CB Mantgum
Tel: 058-2501009

# Spulwike-bern Weidum reitsje jild kwyt oan plysje

**WEIDUM - Om't myn bazen fan it mediateam fan it jier mear sensaasje yn de stikjes hawwe woenen, beslute ik moandeis betiid al op it fjild yn Weidum sitten te gean. Mei myn Telegraaf ("Dêr kinst noch wat fan leare, Tjerk.") foar de holle die ik krekt as siet ik dêr tafallich.**



*Bern moatte har jild ynleverje by plysjes Andrys en Hindrik*

Tsjin njoggenen ferskine de earste bern (dat skilt al gau in heal oerke oppas à € 5,00 yn it oere) op it fjild. Dan noch mûskestil doare se amper troch de poarte, de entree fan it fjild, te gean. Om healwei tsienen binne hast alle bern der, mar de lieders binne fuort. Sjoch dêr hast it al. Dy lieders fan tsjintwurdich binne te let. Dat is sensaasje, dat wolle myn bazen graach lêze. Wêrom soene se der net wêze? Sliepe se noch of steane se noch ûnder de dûs? Eartiids spielden de leiders har pas nei in wike wer skjin, mar tsjintwurdich wolle hja dat perfoarst twa kear per deis.
Al gau docht bliken dat de lieders har ferstoppe hawwe yn it doarp. De bern moatte harren lieders opsykje oan de hân fan spoaren. Soks is altyd aardich. Jorrit Joustra sit yn groep 7 en is benijd nei syn lieders. "Ik hoopje eins op twa mannen as lieders; dan giet it wat mâler faak", sprekt er syn hoop út. Hy kin it witte: it is syn fiifde Spulwike.
Minke de Jong en Anneke Hofstee hoopje dat se yn in groep komme mei in man en frou. "Dan hast fan alles wat", leit Minke út. Even letter hawwe se harren lieders fûn. Marrit en Klaas meie de froulju dizze wike begeliede. "Of it tafalt? No ja, dat moatte we noch sjen. Oh, it komt yn de krante? Nee, set der dan mar del dat dit lieders nei ús hert binne", laket Anneke.
De froulju laitsje sa lûd, dat it amper opfalt dat it sûntsjes begûn is te reinen. "Rein makket my neat út. It reint ommers altyd mei de Spulwike", fertelle de froulju út ûnderfining. Der is no in generaasje bern dy't net oars wend is as dat it reint yn de earste wike fan de fakânsje.
Middeis binne der spultsjes troch it doarp. De bern moatte opdrachten dwaan en op dy wize jild fertsjinje. Se kinne dat ek kwyt reitsje oan de plysjes, dy't bekeurings útskriuwe. It iene groepke is wat fûler as it oare. Ik kom Jorrit wer tsjin en hy baalt der wat fan dat syn groepke net echt meidocht. "Ja de measten wol, mar ien as twa bern wolle net echt", fertelt er my. "It is minder strang as skoalle en dêr kinne guon net mei omgean".
Om goed healwei fjouweren, de spullen rinne wat út, rin ik mei Minke en Anneke nei it fjild ta. It is dêr in drokte fan komsa. Der binne protesten fan bern dy't fine dat se te grof bekeurd binne troch plysjes Andrys en Hendrik. Mikrofoanman Sjoerd mei krekt foar fjouweren de punten foar alle groepen bekend meitsje. Fansels is net elkenien alhiel tefreden. Lokkich binne der foar dy bern noch genôch kânsen yn it ferrin fan de wike.
Dan sit de earste dei derop. Echte sensaasjeferhalen haw ik net. It wie in aktive dei, gesellich en in prima start. Mar oft myn bazen tefreden binne? Jorrit raast fan út de fierte oft ik der moarn ek bin. Ik antwurdzje dat ik it net wit. "De survival is dan, en dy is geweldich sensasjoneel", wit er. Ik hoopje it, myn bazen easkje it.

## Grut lijen

### *Troch in rolstoel yn in rolstoel*

EASTERLITTENS - Sneintejûn is Janneke Bos by in slim ferkearsûngefal swier ferwûne rekke. De hearen Wiebren Peenstra en Wiebren Peenstra (yndie, famylje) wienen oan it racen yn in rolstoel, doe't it ûnfortúnlike slachtoffer ynienen harren paad krúste; in frontale botsing wie it gefolch. Lokkigernôch stapt der yn Littens in fysioterapeut om, dy't de boel wer fakkundich oan inoar plakt hat. Janneke sit no sels yn in rolstoel en beide Wiebrens binne troch de plysje ôffierd foar ferhoar.



*Janneke nei it ûngefal*

### *Wetteroerlêst*

EASTERLITTENS - Spulwike lieders yn Littens binne yn de nacht fan snein op moandei letterlik mei de luchtbêden de tinte útdreaun. Needwaar boppe Littens en inkele gatten yn de tinte soargen foar panyk yn de tinte. Nijkommer Pieter Klaversma wie sa'n ein fuortdreaun dat hy op it Snitsermar werom fûn is. Doe't it misgong, is fuortendaliks it kalamiteitenplan yn wurking treden. De lieders hawwe needtwongen de nacht trochbrocht yn it Honk en de Jister. In pear 'die-hards' wisten lykwols fan gjin wiken en bleaunen yn de tinte lizzen.



*De tinte stie samar*

### *Tintebouwe*

EASTERLITTENS - Mei minimale middels (twa stokken en in doek) wisten de ferskate groepkes wer de moaiste tinten te bouwen. Allinnich it groepke fan Nico Epema hie mear muoite mei it opsetten fan de tinte. 'Wêrom ha ik no alle jierren in groepke bern dat absolút net bouwe kin!' De bern binne wizer mei Nico en witte de ferslachjouwer ta te fertrouwen dat Nico achttjin freondinnen hat en dat hy der noch altyd mear siket. Spulwike is noch gjin twa oeren dwaande en Debby Lyklema (10 jier) wit no al dat Spulwike fan it jier echt super leuk is.

# Qstitch
## Borduurshop

Simone Roos
De skuorrereed 10 9022CC Mantgum
telefoon: 058 2501999
e-mail: simone@qstitch.nl
website: www.qstitch.nl

# Paul Drijver

Hekwerken
Tuindecoraties
Exclusieve Tuintafels
Mammoet Skelters

Dûbelestreek 20 • 9035 AJ Dronrijp • T 0517 34 22 66 • M 06 29 09 57 52

# IJSPALEIS




Al uw diepvriesboodschappen
gratis thuisbezorgd!

Een keer proberen?
Maak NU gebruik van onze
speciale kennismakingsaanbieding.

Pascallaan 11
8218 NJ Lelystad
(0320) 26 51 51
internet: www.ijspaleis.nl
e-mail: info@ijspaleis.nl

# HESSEL'S

Toiletwagenverhuur
*Verhuur van nette en luxe toiletwagens*

J.H. Kamminga

Seerob 20
9051 VA Stiens
Tel. (058) 257 4539
Fax (058) 257 2117
Mobiel (06) 22 07 64 20

Postadres:
Greate Buorren 28
9055 MV Britsum




**Apotheekhoudend huisartspraktijk**
**H.B. Bergwerff**
**Dekemawei 7**
**8834 XA Baard**

Tussen 08.00-10.00 uur kunt u bellen:
Voor het bestellen van medicijnen:0517-342726
Voor het maken van een afspraak: 0517-341272
Fax: 0517-341310

# Fa. J. van der Meer & Zn v.o.f.

Doarpsstrjitte 21, 9021 CK Easterwierrum, 058-2501228

Voor vakkundige aanleg, advies en onderhoud van

*verwarming - cv*
*waterleiding*
*sanitair*
*gasleidingen*
*elektra*
*zinkwerk*
*rioleringsinstallaties*

Verder kunt u bij ons terecht voor:
✓ grote en kleine huishoudelijke apparaten
✓ fietsen incl. onderdelen en accesoires
✓ audio en vidio apperatuur
✓ tuingereedschappen



***Altijd op voorsprong met JOHN DEERE***



Aantrekkelijk geprijsd



JOHN DEERE

# Bos Tuin & Park

Noordereind 2/a
8823 SN Lollum
tel. (0517) 46 91 74
fax (0517) 46 93 95



# Nije mikrofoanminsken wolle bern foaral opruie

EASTERWIERRUM - De nije mikrofoanman fan Easterwierrum is Ytsen van der Meij (23). Tegearre mei Ymkje, dy't der al trije jier mikrofoanûnderfining opsitten hat, praat en sjongt hy de boel oan elkoar op it Easterwierrumer Spulwike-terrein. It is pas syn twadde dei yn dizze nije funksje, mar hy fielt him al as in fisk yn it wetter: "Ik haw it gefoel dat ik it al fiif jier doch en boppedat klikt it goed mei Ymkje", seit Ytsen. Hjirfoar wie Ytsen de materiaalman fan Easterwierrum en die er de koördinaasje; dat lêste kombinearret er no mei it mikrofoanwurk. "It moaie is dat jo sa wat tichterby de bern steane", seit Ytsen, dy't al mei syn sande Spulwike dwaande is, mar noait in groepke bern ûnder syn hoede hie.
Oer de fraach hokfoar kwaliteiten in mikrofoanman yn Easterwierrum hawwe moat, moat Ytsen efkes neitinke. Nei in skoftsje seit er: "Jo moatte in soad sjonge mei de bern en dyselde bern sa no en dan ris efkes flink opruie en opjutte. Mar it wichtichste is miskien noch wol dat jo de faart der wat yn hâlde en de reade tried fan it program hyltyd goed yn 'e kop hawwe." Ytsen besiket net syn foargonger Arjen Skilstra te kopiearjen; neffens Ytsen moatte jo jo eigen styl ûntwikkelje. "Arjen koe ek wakker sjonge, mar fan ritme en de maat hâlde hie er net it measte ferstân. Dêr stie tsjinoer dat er omraak grapkes makke. De bern hjir rûnen mei him fuort.
Ymkje en Ytsen hawwe gjin fêste rolferdieling. "Wy mikse it wat", leit Ytsen út. Ytsen is trouwens ien fan de redenen dat jo ferslachjouwer graach yn Easterwierrum op besite komt. Sadree't er jo sjocht, is syn earste fraach: "Moatst in bakje kofje?" en hy wit dan al watst der yn moatst.

EASTERLITTENS As ik it Littenser sportfjild op kom, rin ik Astrid Sikkema (23) tsjin it liif. Oan har blau mei giel en reade overal kinne jo fuortendaliks sjen dat jo mei in haadlieder te krijen hawwe. "It giet hartstikke goed!", seit Astrid. Ferline jier hat sawat de hiele "âlde garde", sa't Astrid it neamt, ôfskie naam, dat sadwaande dat sy, mei in hiele nije ploech yn 'e Littenser haadlieding kommen is. Yn 2004 wie sy alfêst op proef yn 'e haadlieding; it idee dêrefter wie dat sy dan it oare jier witte soe hoe't de saken dêr organisatoarysk rûnen.
Mar neffens Astrid is dat net hielendal slagge: "Wy moatte in hiele soad saken wer op 'e nij útfine. Foar de âlde haadlieding wiene in soad saken sa fanselssprekkend dat der fierder net oer praat waard. Moatst it dochs echt sels dwaan om der efter te kommen wat der allegearre by komt te sjen.
Astrid docht tegearre mei Jos de mikrofoan yn Littens. Sy sjocht it as har wichtichste taak om de bern op te ruien. Sa te sjen slagget dat aardich, want de bern fleane en drave as gekken oer it fjild. It is ien fan Astrid har doelen om de bern "Sibbel, kom mar op 'e knibbel" te learen. Alle bern moatte dan yn in grutte rûnte stean en it is de bedoeling dat se úteinlik, tagelyk, by elkoar op 'e knibbel sitten gean, sûnder dat se omkiperje. "It is ús noch net slagge om dat foar elkoar te krijen", seit Astrid. "Mar it giet hyltyd better en tongersdei kinne se it allegearre, let mar op!"

**"It moaie is dat jo sa wat tichter by de bern steane"**

WEIDUM Sjoerd van Beem (25) hat fjouwer jier in groepke bern lieden yn Weidum, mar is fan it jier Nico Hettinga as mikrofoanman opfolge. Sjoerd hat in krêftich lûd en sit yn 'e regel net om in praatsje ferlegen. "Ik haw fansels wol wat toanielûnderfining, dat ik bin net benaud om foar in groep myn mûle iepen te lûken", seit er. "Moatst allinne goed it program yn 'e gaten hâlde en goed witte hokker húshâldlike meidielings ast dwaan moast. Ast dat ien kear goed yn 'e kop sitten hast, ouwehoerst dy der fierder wol wat trochhinne", neffens Sjoerd. Mikrofoanman wêze is al hiel oars as in groepke bern liede. "As de lieding mei de bern it doarp yn is, en it rint allegearre, dan hawwe wy fan 'e haadlieding it rêstich", seit Sjoerd.
De mikrofoan is al wat fertroud foar Sjoerd. Ferline jier hat er Nico ferfongen by it flotsjebouwen en farren. Hy die dêr doe as in wiere Jack van Gelder ferslach fan.
It is Sjoerd syn doel om de bern te entûsjasmearjen en om se op kabareteske wize dwaande te hâlden yn de skoften tusken de spultsjes yn. Fierder is er oan de ein fan 'e dei fansels altyd drok dwaande mei it presintearjen fan de skoares dy't de groepen dy deis behelle hawwe.



## Gefaarlike spullen yn Easterwierrum?

EASTERWIERRUM - Yn Easterwierrum begjint de dei altyd mei sjongerij; sa ek tiisdeitemoarn. Boppedat moasten fan 'e moarn de tinten noch fierder ôfmakke wurde. Doe't dat lykwols efter de rêch wie, koe der mei de spultsjes úteinset wurde. Spultsjes op it fjild; in kompetysje wêrby't de groepkes bern wer âlderwetsk tsjin elkoar stride moasten. Sy diene dat mei it liaanlûken (in oare útdrukking foar toulûken), twister, yn de junglerace (in parkoers mei striepakken en autobannen) en mei it bananeroofspul (dêrby moasten de bern bananen út elkoars hoepel stelle). Yn Easterwierrum stiet der hyltyd by alle spultsjes in buordsje mei dêrop de útlis fan it spul en de puntetakenning; tige handich. Ien kear stie jo ferslachjouwer by sa'n buordsje lykwols al eefkes raar te sjen; "bern meie elkoar ôfsjitte", stie dêr op. It die lykwols bliken dat soks yn de praktyk wol wat tafoel. Mei "ôfsjitte" waard wat oars bedoeld: de bern mochten elkoar wiet spuitsje mei wetterpistoalen. Ast troffen waardst troch in straal wetter, wiest ôf. Ik koe dus mei in gerêst hert it fjild yn Easterwille ferlitte om op syk te gean nei oar Spulwike-nijs.

## Lieders Easterwierrum bekûgele yn skavot

EASTERWIERRUM - Doe't ik de tiisdeitemiddeis werom kaam op it Wierrumer Spulwike-terrein wie dêr gjin kop te sjen. "Wêr is elkenien", frege ik my fertwivele ôf. Sûnder in idee te hawwen fan wêr't lieders en bern keard wiene, ferliet ik Easterwierrum wer. Doe seach ik yn 'e fierte ynienen Spulwike-bern yn it lân omdraven. It die bliken dat de Easterwierrumer lieding spultsjes organisearre hie foar de bern by de âld toer, krekt bûten it doarp. De lieding ûntseach harsels dêrby net. Sa stiene der twa lieders yn in soarte fan skavot. De bern mochten har mei ballen bekûgelje as se in fraach goed beändere hiene. Fierder wie der in hindernisbaan wêrby't de bern oer striepakken springe en ûnder in dekseil krûpe moasten, wie der in balgoaispul, ensfh.
In prachtich plakje oars wol, dêr by dy âlde inkele toer. De loft wie lykwols minder moai en sa tsjin trijen beluts er aardich; al rillegau wiene de earste reindripkes te fielen. Doe't jo ferslachjouwer ûnderweis wie nei Weidum foar in redaksjoneel oerlis reinde it yntusken al aardich. Mar sa slim wie dat net; it hie ommers sawat de hiele dei droech west en de spultsjemiddei wie hast oer. De dei wie dat lykwols noch net foar lieding en bern, want de jûns stie de optocht troch it doarp noch op it program. It is dan ek in lange dei, foar sawol de bern, as de lieding. Nei de optocht is de Spulwike foar de earste lichting bern fan de groepen trije en fjouwer al wer efter de rêch en kin de lieding fan Easterwierrum har klear meitsje foar in nije groep bern.

## Survival Easterlittens:

EASTERLITTENS - Doe't jo ferslachjouwer yn Easterlittens oankaam, draafden en fleagen in soad bern wakker oer it fjild. Oare bern stiene by mikrofoanman Jos, dy't har de gelegenheid joech om mopkes te tappen oer de mikrofoan en riedseltsjes te dwaan. It is tiisdeitemiddei kertier oer tolven. It moarnsprogram, it spul om de tsjerke, is yntusken al efter de rêch. De bern hawwe har doe yn it doarp fermakke mei koarte spultsjes fan maksimaal tsien minuten. Sa hawwe se oan it wetterballon goaien west, elkoars noazen opferve, in wiete spûnzerace dien, ensfh. As ik op in mei dekseil oerspand striepak yn 'e grutte rûnte op in Littenser fjild sitten gean, springt der ynienen hast in famke by my op 'e rêch. "Wa bisto en wat dochsto hjir?", freget se my. Wylst ik útlis dat ik sjoernalist bin en mei in stik foar de krante dwaande bin, hat se myn digitale kamera en myn skriuwblokje al yn 'e hannen, dy't se oan in sekuere ynspekje ûnderwerpt. Mar mei wa haw ik de eare? It is Sissel (10), groep 6 út Mantgum; har groepke hjit "De poema's". As ik har fertel dat der yn Easterwierrum in groepke is dat "De poemafangers" hjit, liket se net ûnder de yndruk te wêzen. Sissel hat har tige fermakke mei it moarnsprogram en hat al in soad sin oan 'e safary-survival. "Bist net benaud om wiet te wurden?", freegje ik har. "Neuh..", seit se; "Wiet wurdst dochs wol mei sa'n spultsje; dat fyn ik fet!!"



*De kabelbaan: wiet wurde mei!!*

## No is de spulwike foarby...

EASTERWIERRUM - Foar dat jo it troch hawwe, is de Spulwike alwer doetiid. Foar de earste ploech bern fan groep trije en fjouwer yn Easterwierrum is dat nei twa dagen al wer it gefal. Nei in grutte optocht troch it doarp, wurde de bern ophelle troch har âlders. Wol spitich fynt Sebastiaan; "Het was echt heel erg leuk!", seit er. It aldermoaiste fûn Sebastiaan it spultsje wêrby't gleskes wetter oer in plestik kleed, ynsmard mei griene sjippe, sûnder griemen nei de oare kant ta transportearre wurde moasten. "Dat ging lekker wild en iedereen werd nat!" Djoke en Marije bale der ek fan dat it al wer ôfrûn is. Djoke hat twa pankoeken hân en Marije twa en in heal, dat de beide froulju sitte goed fol. Dat skilt heit of mem thús ek wer wurk mei it iten sieden. Op de fraach wat it alderaldermoaiste wie, roppe beide froulju yn koar: "It wie allegear it moaist! Oar jier binne wy der wis wer by, hear!"

## Wiet wurde!!

Us petearke wurdt abrupt beëinige troch it lûd fan mikrofoanfrou Astrid: "Lieders, tink der om: de bern moatte al allegearre efkes in droege trui en in reinjas mei!". In "Hollebolletsjing" fierder, hat Astrid alle bern op har plak krigen en kinne de groepkes ien foar ien it doarp yn stjoerd wurde. "Do kinst ek wol it wetter yn", seit de Littenser lieding tsjin my. "Kinst ris in kear in reportaazje fan binnen út meitsje!" Ik betankje freonlik foar it oanbod, mar beslút dochs droege klean te hâlden. Sa'n kamera kin oer it algemien net sa bêst oer wetter en as myn notysjeboekje wiet is, kin ik myn oantekens net sa goed mear lêze. Boppedat krij ik op 'e kop fan de baas fan it mediateam as ik troch blauwe drek de beklaaiïng fan de reportaazjewein smoarch meitsje soe.
Nettsjinsteande it stoere ferhaal fan Sissel, skytskoarje de measte bern der dochs wat tsjinoan om by it earste spultsje fuortendaliks it wetter yn te dûken. Ik begjin by it spektakulêrste ûnderdiel fan de survival: de kabelbaan en postearje my strategysk oan 'e oare kant fan it wetter; sa kin ik in moai jungleplaatsje sjitte fan bern dy't troch it reid de oare kant fan de feart berikke. De earste liedster dy't mei de kabelbaan nei de oare kant wol, plonst fuortendaliks al yn it wetter. Bern koene yn teory droech oer mei dizze kabelbaan as se har skonken wat ynholden; de lieders koene der yn it foar lykwols al wol fan útgean dat sy yn alle gefallen oant de nâle ta wiet wurde soene.
De measte oare ûnderdielen fan de survival hiene ek te krijen mei it op de ien oft oare wize berikken fan de oare kant fan in wetterke of in drekfeart. Mei in liaan, fia in flotsje, mei behelp fan in yndianebrêge dy't al heal yn it wetter hong, ensfh. Oeral yn it lân om Littens hinne wiene groepkes bern ûnderweis en koene jo trekkers sjen dy't de touwen oer de fearten op spanning holden. Wat langer de survival duorre en hoe fierder de bern kamen, hoe makliker as dyselde bern te wetter gongen. Einekroas, blauwe drek, it like op it lêst allegearre neat mear ût te meitsjen. De Littenser lieding joech wat dat oanbelanget dan ek it goede foarbyld. Oer it generaal giene sy swimmend nei de oare kant, al as net mei in grutte plestik pûde mei droege klean fan 'e bern op 'e kop. Sy hiene oan de ein fan de Spulwike-middei dan ek mear fan fersûpte seehûnen as lieders. Jo ferslachjouwer frege him ôf oft dyselde lieders yn ferbân mei de optocht de jûns yn Easterwierrum it noch wol oan tiid hiene om in dûs te nimmen. Lieder Henk Ernst antwurde resolút: "Sa'n dûs hawwe wy hielendal net nedich. De minsken meie bêst sjen dat wy hjoed yn 'e feart sitten hawwe."

## Weidum hat survivaltocht: groepkes sette joker yn en krije twa kear nul punten

WEIDUM- Op in twadde dei komme de bern altyd oars op it fjild as op de earste. Se kenne elkoar al wat better, binne wend oan de lieders en alles derom hinne. Yn de brief nei de âlden stie dat der hjoed in survival wêze soe en alle bern hawwe tassen fol mei reinklean en droege klean foar it gefal dat se wiet wurde. "En wiet wurde we echt wol", wit Hendrik-Wiebe. "Ferline jier wie ik al dweil by it earste spul. Doe haw ik it kâld hân! Mar ik seur net, hear."

**Kaartsjerinspul**
Om't je net de hiele dei survivalje kinne, begjint de dei mei it kaartsjerinspul. De bern moatte fragen beäntwurdzje en fertsjinje dêrmei wurden. Ast dy wurden yn de goede folchoarder leist, foarmest der in sin mei. De bern binne bloedfanatyk, sadat de oplossing al rillegau fûn wurdt.

**Begjin**
Neidat Mikrofoanman Sjoerd de punten bekend makke hat, is it tiid foar ien fan de hichtepunten fan de wike: de SURVIVAL.
Mei it flotfarren en de bonte jûn op tongersdeis, stiet de oerlibbingstocht standert yn de top trije fan meast favorite ûnderdielen fan de Weidumer wike.
De survival is in rûngong by lianen del en in tocht oer gefaarlik wetter, troch tunnels hinne, op in glydsbaan, oan in slinger en noch folle mear. Eins is it de bedoeling sa droech mooglik te bliuwen, mar dat wurdt net echt begrepen. Ach ja, wiet wurde is no ien kear moai. Guon lieding tinkt dêr lykwols oars oer.

**Jaap en Sjoukje**
Lieder Jaap Toering flústeret my yn it ear dat er lêst hat fan syn kiel. Hy wol dêrom einlik leaver net yn it wetter. Syn kollegalieder op itselde groepke, Sjoukje Groen, is it dêr net mei iens. "Jo binne lieder en dan moatte je meidwaan", fynt sy. Jaap sjocht har fûl oan, Sjoukje sjocht it net.
Foarsitter fan de Weidumer haadlieding, Albert Dirk Talsma, komt der oan en makket in praatsje mei my. Wy kenne elkoar noch fan eardere jierren yn de Weidumer lieding. "It giet my te mâl", seit er, "it is noch net iens tolve oere en elkenien is al dweil. Sels de lieding. Ik soarge der altyd foar dat ik de droege klean fan elkenien mei my meitôge. Dan waardst der noait yngoaid." Ik sei him dat ik altyd itselde die.
Hé, wêr is lieder Jaap no? Wy sjogge him ynienen mei de bagaazje rinnen fan de bern út syn groep. "Jaap hat it ek troch", sjocht Albert Dirk. "Ik fong in gesprekje op fan twa senioaren", laket Jaap, wylst er in droege route siket nei de oare kant fan it wetter. Sjoukje sjocht him fûl oan. Jaap sjocht it net.

**Machtige dei**
Fansels rint it programma in bytsje út, mar dat is net sa slim. De bern laitsje as se elkoar nei in dei wer werom sjogge. "Wat bisto smoarch", ropt Hindrik yn de rjochting fan syn bêste maat Michiel, "as in dyk!". "Do bist ek sa'n miger", laket Michiel, "foaral net wiet wurde, hin." Hindrik tinkt dat syn groep de survival wûn hat; sy hawwe de joker ynsetten en dan telle je punten dûbel.
Troch de mikrofoan kundiget Sjoerd oan dat de dei foarby is: "It wie in machtige dei". "Wa hat de survival wûn?", wol Hindrik witte. "Oh, dat wie in grapke fan my", seit Sjoerd, "it gie net om punten mar om oerlibjen. Dat is spitich foar de groepen dy't de joker ynsetten hawwe, want twa kear nul bliuwt nul, ha,ha." Ik kin jim melde dat der doe in oerlibbingstocht oanbruts foar de mikrofoanman. Hy moast rinne foar syn libben, by lianen del, oer gefaarlik wetter, troch tunnels hinne, op in glydsbaan, oan in slinger en noch folle mear...



*Indianebrêge yn Hakunamaweidum*

## JUNGLE TIEDE

**Drek yn 'e naad**

Wat hâldt Spulwike yn Weidum no eins yn, wat betsjut it? Spulwike is fansels Holle Bolle Tsjing en "daar gaat ie dan weer". Ranja by liters en spultsjes dwaan, al wie it mar om de namme fan 'e wike.
Tradysjes foar de bern en de lieders. Ast nij meidochst, witst dat net. Ast wat langer meidraaist, kinst der stikem fan genietsje. Sa sjoch ik nei it wetter fan myn waarme dûs, dat mar min troch de gatsjes fuortkomme kin. Ik tink oan de survival fan niiskrekt en fiel oan myn kont. It is my wol dúdlik. Spulwike is drek yn 'e naad.

## Optocht Easterwille lûkt in protte taskôgers

EASTERWIERRUM - Op in platte wein sit it korps te spyljen, twa mikrofoanmannen sjonge de Spulwike-ferskes foar en alle bern en lieders sjonge mei. Oan de kant steane âlders dy't de ferskes ek mei sjonge kinne, want lang, lang lyn hawwe sy sels ek noch meidien oan de Spulwike. Dyselde âlders binne bliid dat sy har bern wer werom krije, al heart ús ferslachjouwer yn Easterwierrum in heit fersuchtsjen: "Dy hannebiner fan ús hienen sy noch wol in pear dagen hâlde mochten."
Foar minsken dy't de optocht mist hawwe is der op tongersdei in twadde kâns om de optocht foarby kommen te sjen. Dan sit ek foar de twadde lichting bern fan Easterwierrum de Spulwike der op.




Bakker Metaalbewerking bv • Kleasterdyk 45a • 8831XA Winsum • T 0517 341551 • F 0517 341850

SKILDERWURKEN

Ferry de Boer

BEARS - 058-2519478

ELEPHANT
OFF-ROAD EQUIPMENT

OFF-ROAD PREPARATIE
DIESEL TUNING
IN/VERKOOP LANDROVERS

Sibadawei 1 8734 HE Oosterend
Tel. 0515 33 12 50 Fax. 33 29 06

- Nieuwe en gebruikte fietsen
- Luxe en huishoudelijke artikelen
- Speelgoed en schrijfwaren
  - Gereedschap
  - Verf en hout
  - Tuinartikelen
- Veehouderijbenodigdheden
- Diervoeders en -accessoires
- Werkkleding en schoeisel
- Schaatsen

PAVO

ACR

Kleasterdyk 46
8831XC Winsum
Tel 0517 341556
www.acrwinsum.nl

DE WINKEL VOOR ALLES .....

KLAVERSMA
bouwbedrijf

BOUW GARANT
Een NVOB initiatief

Dr. Fokkewei 2
9022 BS Mantgum
Tel. (058) 250 16 19

VOOR AL UW:
* onderhoudswerkzaamheden * restauratie * bouwaanvragen enz.
* verbouwingen * renovatie



HEMA

PRINTSERVICE
ONLINE FOTOSERVICE

www.hema.nl/fotoservice

Gebr. Dijkstra

International livestock services



Hoptilsterdijk 36 - 9027 BD Hijlaard

Tel: +31 (0)58 2519798
Mob.: 06-22664380
Fax: +31 (0)58-2519796
info@GebroedersDijkstra.nl
www.GebroedersDijkstra.nl

GREIDANUS
metselwerken

Aannemer van
voeg- lijm- en metselwerken

Hoptilsterdyk 33 9027 BD Hylaard Telefoon 058-2519904 E-mail info@greidanusmetselwerken.nl

## De kompressor, de Paus en Kafee Monsma

**WEIDUM - De lieding fan Spulwike Weidum hat hiel lang har tintekampke op 'e Hegedyk hân, earst neist, en letter tsjinoer it hûs fan Jaap en Wil Groen. Jaap Groen wie in (âld-)Spulwike-lieder fan it earste oere, en wie letter noch hiel lang aktyf as Spulwike-fotograaf. Yn 'e Spulwike, de wiken dêrfoar, en ek faak noch dêrnei naam de Weidumer Spulwike-lieding besit fan it hûs fan de famylje Groen. Har garaazje fungearre as bar-disko, har keuken wie fergaderplak foar de haadlieding en op har oprit waarden lange tafels delset dêr't wy jûns oan ite koene. Dat Jaap en Wil der ea mei ophâlde soene, wie amper foar te stellen. Dy minsken wiene gewoan fergroeid mei de Spulwike, sa like it. Har dochters Anje en Sjoukje wiene opgroeid mei Spulwike-lieding dy't simmers troch har hûs banjere; sy wisten net better (beide froulju dogge no al wer in skoft mei yn 'e lieding fan Weidum). Dochs moast der nei safolle jierren ris in kear in ein oan komme; it hie moai west. De nammen fan alle lieders dy't yn it skoft dat Jaap en Wil har hûs ta beskikking fan 'e Spulwike steld hiene meidiene, bleaune as stille tsjûgen op 'e muorre fan har garaazje efter. Sa ek de namme fan Jehannes Monsma (29).**

**Paus Jehannes**

Johannes hat sels nammentlik trije jier as lieder fan in groepke bern meidien oan 'e Spulwike yn Weidum. Ek hy hat ferskate gesellige jûnen yn 'e garaazje fan Jaap en Wil meimakke. Op in bepaald stuit koe er lykwols net mear as lieder by de Spulwike belutsen wêze; hy naam de pleats oer fan syn âlders en sa as elkenien wit: boeren hawwe it altyd drok. Mar Jehannes hie noch net syn nocht fan 'e Spulwike. Dat die wol bliken, want doe him frege waard of it tintekampke fan 'e lieding tenei op it hiem fan syn pleats opslein wurde koe, sei er al gau ja. In smûk hokje yn 'e skuorre fan syn pleats waard omboud ta in sfearfol kafeetsje, dêr't de lieding jûns gesellich sitte koe ("Kafee Monsma"). Yn syn skuorre, op 'e heasouder, waarden ferskate Spulwike-materialen opslein. Somtiden komplete dekors.... Wa wit wêr't wy dy in oar jier mooglikerwiis wer foar brûke kinne soene by it opbouwen fan 'e arena?

Doedagen waarden ek hâlden by Jehannes op 'e pleats; iten waard der dan by him yn 'e tún. Jehannes sels wie fansels faak oan it wurk, it lân yn, mar tusken de bedriuwen troch wie er faak op it Spulwike-kamp te finen. Dan holp er mei putsjes of makke er in praatsje mei de lieding. Luchtbêden woe Jehannes altyd wol fan lucht foarsjen mei syn kompressor. Jûns wie er ek faak yn it kafeetsje yn syn skuorre; hy stie dêr sels ek noch wol gau ris efter de bar. Boppe de yngong fan Kafee Monsma hong in byltenis fan de foarige paus, Johannes Paulus. Dat "Paulus" wie lykwols ôfplakt mei tape, en ynstee dêrfan wie der no "Monsma" op skreaun.

**Nijsgjirrige minsken**

Jehannes hat lykwols nei seis jier oanjûn dat Spulwike Weidum kommend jier mar in oar plakje sykje moat. Hy fûn it altyd "bearegesellich", it Spulwike-kamp by him op it hiem, mar hy wie altyd al wiken yn it foar oan 'e gong om 'e pleats foar de Spulwike op oarder te krijen. "De merke skeat der dêrom ek wol ris wat by yn", seit er no (de Weidumer merke is altyd yn 'e wike foar de Spulwike, red.). Jehannes: "No haw ik yn dat skoft wer romte foar oare saken; dat fyn ik dochs ek wol moai. Boppedat komme jo as boer yn sa'n wike net echt oan de wenstige saken ta; jo dogge net safolle dan."

Jehannes syn moaiste oantinkens oan 'e Spulwike binne fan 'e ôfrûne seis jier. "Mei sa'n Spulwike-kamp op it hiem komst altyd in hiel soad hiel ferskillende minsken tsjin. Nije minsken, minsken dêr'tst oars faaks net mei praat hiest. Dat haw ik altyd tige nijsgjirrich fûn", seit Jehannes. As ik him freegje oft er no tenei de Spulwike ek misse sil, seit er fuortendaliks: "Ja fansels! Ik bin ek wis fan doel om oar jier yn 'e Spulwike noch ris del te kommen op it nije kamp en yn 'e nije kroech fan 'e Weidumer lieding." Dêr hâlde wy dy oan, Jehannes.

De byltenis fan Paus Johannes Paulus, pardon, Paus Johannes Monsma, sit no yn in kreaze list en hinget boppe de bar yn foarhinne Kafee Monsma. Op dyselde bar hawwe alle lieders har nammen skreaun, as stille tsjûgen fan wat ea west hat.

## In monumint foar it iepenloft?

LUCHT EN VELD - Yn 1987 waard der in monumint foar Spulwike ûntbleate op Lucht en Veld by Jorwert. It symbolisearret de ienriedigens yn de Spulwike. It stiet foar de gearwurking tusken de trije doarpen, tusken lieding en bern en tusken de gemeente en de Spulwike. Achttjin jier nei dato hat de gemeente yn gearwurking mei de ANWB lykwols in ynformaasjeboerd by it keunstwurk setten. Dêr wurdt op útlein wêrom't en foar wa't it monumint dêr delsetten is. Mar is dat sa? Op it boerd kinne jo nammentlik lêze dat it monumint der kommen is om de Jorwerters en har jierlikse Iepenloftspul yn de Notaristún te earen. Oan ien kant is it keunstwurk wat skurf; dêr hat eartiids in metalen plaatsje sitten, dêr't op útlein waard dat 15 jier Spulwike wol in monumint fertsjinne op in unyk plak, it plak dêr't it yn 1972 mei de Spulwike allegearre begûn is.

Fansels hawwe wy de gemeente om in reaksje frege. De gemeentemeiwurker dy't wy oan 'e tillefoan krigen skrok lykwols wat fan ús fraach, stammele earst noch dat it net har idee west hie, en dat wy by de ANWB wêze moasten, en ferwiisde ús doe nei it kastje en dêrnei noch nei de muorre. Dat lêste joech se sels lykwols fuortendaliks ek al ta.

It liket ús dat dit misferstân sa gau as mooglik rjocht set wurde moat. De gemeente soe kontakt opnimme moatte mei de ANWB en garant stean moatte foar de kosten dy't makke wurde moatte om in boerd mei in goede tekst by it Spulwike-monumint te setten. Hoe liket dat, frou Liemburg? As hja by de gemeente om in goede tekst ferlegen sitte, stiet it har fansels hielendal frij om kontakt op te nimmen mei it Spulwike Mediateam.

## Sechtjin jier Spulwike-opslach by famylje Toering yn Littens

**EASTERLITTENS - Oant ferline jier wie it yn 'e earste wike fan de grutte fakânsje altyd topdrokte op it hiem fan de famylje Toering fan Littens. Sawat al it Spulwike-materiaal fûn in plakje yn it romme hok efter de pleats fan de Toerings. Op syn minst twa grouwe trekkers mei wein it doarp, folpakt mei alderhande guod waard der fan 1988 oant 2004 fersleept en wer te plak brocht.**

"Wy krigen ek altyd de 'gevonden voorwerpen'; âlders koene dy dan by ús weihelje", fertelt frou Toering. "Sa krigen wy ferline jier 25 reinpakken, wêrfan't der net ien ophelle waard", folt har man oan. Earst belle frou Toering efter minsken oan, mar op in bepaald stuit is se dêr mei ophâlden. "Foar it pjutteboartersplak by ús yn it doarp sammelje wy altyd âld guod en klean yn, dy't letter dan wer trochferkocht wurde. De opbringst giet dan nei de pjutteseal. De lêste jierren brochten wy it oerbleaune Spulwike-guod dêr ek hinne.", seit frou Toering.

Frou Toering hat sels ek jierrenlang aktyf west yn 'e Spulwike. Fan 1987 oant 1995 siet se as skriuwster yn 'e seksje jongerein fan 'e gemeente, dy't doe noch ferantwurdlik wie foar de organisaasje fan de Spulwike. Frou Toering skreau ûnder oaren alle bern yn. Nei alle gedachten siet jo ferslachjouwer dêr yn '90 ek noch by.

It mediateam tocht altyd dat har idee fan in Spulwike krante hielendal nij wie. Frou Toering fertelt ús lykwols dat sy begjin jierren njoggentich as skriuwster fan 'e seksje ek al yn 'e redaksje fan in Spulwike krante siet.

JAAP HOEKSTRA



Voor al uw
* Zand soorten
* (Sier) Grinden
* Tuin gronden
* Erf verharding
* Kippertransport

*06*51509280*

eetcafe



De Lachende Koe

Kleinzand 35-37 8601 BE **Sneek** *T* 0515-423261

***Bent u toe aan een website of wilt u uw huidige site restylen?***

**bel eens voor een advies!**

**058-2519173**

**06-44638989**

mail@insitedesign.nl
Hoptilsterdyk 3, Hilaard

**www.insitedesign.nl**

S.Hempenius & zn
Landhekken



De Muldijk 6
9001XV GROU

Tel: 0566-624736
Fax: 0566-624736

HOLLE BOLLE TSJING

**www.hollebolletsjing.nl**

JF **Frankena b.v.**

**Loonbedrijf en Grondverzet**

* COMPOSTAARDE
* ZWARTE GROND
* DIV SOORTEN ZAND
* GRIND
* SCHELPEN
* COMPLEET GRONDWERK
* WALBESCHOEIINGEN (LEVEREN EN AANBRENGEN)

VRAAG VRIJBLIJVEND INLICHTINGEN

T 0517-341681
F 0517-341666
Winsum (Frl.)

**www.frankenawinsum.nl**

bouwbedrijf KEUNING bv

Internet: www.keuningbouw.nl
Email: info@keuningbouw.nl

BOUW GARANT

NVOB

Veelzijdig in Bouwen

NIEUWBOUW - VERBOUW - ONDERHOUD - RENOVATIE - HOUTZ ARTIKELEN

**Edwin Meester**
**theatertechniek**

**verhuur van licht & geluid, decorbouw, special effects**

planning & organisatie van:
**Bedrijfsopeningen**
**Personeelsfeesten**
**Après-ski party's**
**Schuimparty's**

Grou: 0566 620791 www.meesterlijktheater.nl

# De Spulwike door Jens zijn ogen

## maandag

Maandag was het begin van de Spulwike. We kwamen de arena op het veld binnen. Toen iedereen binnen was, werd ons verteld dat het thema van dit jaar jungle was. Daarna werd er verteld bij wie je in het groepje zat. Toen was het tijd om je leiders in het dorp te gaan zoeken. Je kreeg een kaartje met een dier er op. Jouw leider moest hetzelfde kaartje hebben; zo kon je zien wie je leider was. Als je je leider had gevonden, mocht je terug naar de arena.

Maar we deden nog meer die dag. Met het tweede spelletje was het de bedoeling om zo veel mogelijk geld te verzamelen. Dat geld kon je verdienen door een spelletje te winnen. Overal door het dorp waren zulke spelletjes. Verder kon je ook bonuspunten verdienen door Tarzan of Jane te pakken. Maar je moest oppassen voor de politie, want die kon je je geld weer afpakken. 's Middags om kwart over drie moesten we weer terug in de arena zijn. Daar kregen we nog wat briefjes uitgereikt en toen mochten we naar huis.

## dinsdag

Dinsdagochtend werden er punten gegeven voor het spelletje van de vorige dag. Mijn groep was laatste; wij kregen daarom maar één punt. Die lage score moesten we vandaag natuurlijk goedmaken. Misschien zou dat kunnen met het volgende spel, dat diezelfde ochtend werd uitgelegd. Daarbij moest je steeds een vraag beantwoorden en als je die goed had, kreeg je een letter. Met die letters moest je twee woorden maken. Bij dit spel eindigden wij als eerste; dat wou wel helpen.

Na dit spel kregen we de survivaltocht. Die was echt vet cool. We moesten onder netten door, over sloten heen en over touwen klimmen. Dat was echt vet strak. Na deze slopende survival, kwamen we weer de arena binnen en was het alweer snel tijd om naar huis te gaan.

## woensdag

Woensdag was weer een vette dag. We kwamen op het veld en al snel vertelden ze dat wij met vlotten zouden gaan varen. Het weer was niet zo geweldig, maar dat kon ons weinig schelen. Nat zouden we toch wel worden. Een vlot bouwen is trouwens niet zo makkelijk als het lijkt. Er waren een paar hele slechte vlotten bij. Die van ons was natuurlijk heel aardig. Ons groepje eindigde in de middenmoot. Omdat alles zo traag ging, kwam er niet veel van de spelletjes terecht die middag. Toch was het te gek.

## donderdag

Donderdag kwam ik wat te vroeg op het veld. Donderdag is de leukste dag, omdat je dan de hele nacht over mag blijven. Overdag zijn we met een andere groep op tractor en wagen de gemeente in geweest. Overal was wat te doen en op de wagen kon ik lekker ouwehoeren met wat lui. Ik vond het jammer dat mijn vrienden niet op de wagen zaten, maar goed; zo was het ook leuk. 's Avonds hebben we Chinees gehad en daarna mochten we ons opmaken voor de bonte avond. De hele avond heb ik gedanst met heel veel kinderen, maar ook heel veel lol gehad. Toen de avond over was en wij bij een boer moesten slapen, wilde ik niet, maar toch viel ik al snel in slaap.



# Flotterace yn Weidum: traffic jam op 'e Weidumer feart

WEIDUM "Soe er wol driuwen bliuwe?" "Nee juh, dy grutte tûnen moatst der ûnder bine, dat is better foar de stabiliteit ommers!" Lieders en bern binne drok mei elkoar yn diskusje en lykje tige serieus mei yts dwaande te wêzen. Mar mei wat? Jo ferslachjouwer wie woansdeitemoarn om in oere as alve tsjûge fan in nuveraardich skouspul op it stik lân efter de kanohaven fan Weidum. Spulwike-bern en lieders wiene dêr drok mei pallets, pick-up tou en tûnen, grutte en lytse. Neifraach by de Weidumer haadlieding learde ús dat de groepkes dwaande wiene mei it bouwen fan flotten. Alle groepkes krigen itselde materiaal ta har beskikking, mar de bern moasten sels mar útsykje hoe't sy har flot it optimale driuwfermogen jaan koene. Dat late ta nijsgjirrige kreaasjes. Grutte brede flotten, kompakte eksimplaren, hiele lege en hiele hege. Dyselde flotten moasten fansels mei bern de Weidumer Feart yn, op nei de Swette. Guon groepkes hiene in behoarlik bettere startposysje as oaren. Dochs stuts dêr wol in logika efter. Dy startplakken hiene de lieders fan de groepkes nammentlik earder op 'e moarn fertsjinne mei in flotterace yn it kikkersleatsje neist it Weidumer keatsfjild. Dêrby gie it der fansels om in sa rap mooglike tiid del te setten. De lieding moast it tsjin elkoar opnimme en oan de ein fan it sleatsje moasten se ek noch op elkoars flot oerstappe. It gie hjir dus om in echte kwalifikaasje. De rapste tiid wie dêrby delsetten troch Jan Galema, dy't tegearre mei Marrit de Jong it groepke De Muskiten liedt. Om dy reden mocht it groepke fan Klaas en Marrit dan ek fan pole position fertrekke. De Muskiten hiene aardich harsenskrabe oer de konstruksje fan har flot dat grut, heech en behoarlik stabyl wie. De bern wiene as gekken oan it peddeljen, wylst Klaas efterop it flot stie en der yn slagge om mei in lange latte it fartúch mei sprongen foarút te bewegen. Oan 'e kant stie Marrit te razen, dy't op dy wize de bern fan har groepke goed motivearje en coache koe. Dy joegen har foarsprong dan ek net mear út hannen. It groepke fan Anke Hoekstra en Elske Kooistra die it ek hiel knap. Dat groepke, de Piranha's, hie krekt in hiel kompakt en leech flot boud, dat tige wendber wie en troch it lege gewicht hurd foarút woe. Dy strategy wie net ferkeard; benammen ek omdat Elske de kwalifikaasje foar har groepke dochs wat ferprutst hie. Sy prestearre it om mei dy kwalifikaasje fuortendaliks al te wetter te reitsjen. Dy minne kwalifikaasje makke Elske lykwols hielendal goed yn har rol as bûtenboardmotor; sa wist it groepke fan Anke en Elske dochs noch as twadde te einigjen yn 'e flotterace, wylst it hast efteroan begûn wie.

It foel op dat de bern fan 'e Spulwike Weidum der gjin inkelde muoite mear mei hiene om it wetter yn te springen; gewoan foar de lol, of om har flot mear faart te jaan. It mocht dan de hiele dei wat motreine; de bern joegen dêr neat om.

Mikrofoanman Sjoerd van Beem siet tegearre mei lieder Pier de Vries yn de folchboat en koe op dy wize fia syn megafoan goed ferslach dwaan fan it barren op de Weidumer Feart; Klaas Jansma fan Omrop Fryslân soe er mei syn ieuwige krúsrakken noch wat fan leare kinne. Yn in oare folchboat fear lieder Andrys Weitenberg. Dy wie sa goed om De Monkeys, it groepke fan Jorieke de Jong en Gysbert Lanting, wat oan te triuwen. Want as der in priis bestean soe foar it wrakste flot, soe dy sûnder twifel nei dat groepke gean. It flot yn kwestje foel nammentlik al hast út elkoar doe't it te wetter litten waard. It mei in wûnder hjitte dat it flot fan De Monkeys yn ien stik de finish helle.

De flotterace fan Spulwike Weidum koe op in soad taskôgers oan 'e oare kant fan it wetter rekkenje. Ferskate auto's op 'e Dekemawei bleaune efkes stean om in glimp fan it skouspul op te fangen. It seach der dan ek spektakulêr út, sa'n traffic jam yn 'e Weidumer feart.



*it wol noch net echt flotte*



*Traffic jam op 'e Weidumerfeart*

# Bern stjoere âlders nei hûs



*Tintsje bouwe yn Easterwille*

EASTERWIERUM It is woansdeitemoarn en Nynke Veenstra stiet op it sportfjild yn Easterwierrum; sy hat krekt har soan Ridzert tafertroud oan de Spulwike-lieding yn dat plak. "It is foar it earst dat Ridzert meidocht, dat hy wie fan te foaren al wat senuweftich." seit mem, "Mar ik leau dat it no al oer is, as him sa sjoch."

De famylje Veenstra wennet yn Rien en de bern sitte yn Itens op skoalle. Mem Nynke fynt it sels ek wol spannend; it is foar har ek de earste kear dat ien fan har bern oan de Spulwike meidocht. Franke, it jongere broerke, is ek mei om Ridzert fuort te bringen. Hy hâldt him fêst oan mem har skonken en is wat skruten, mar hy wit al wol dat hy oer twa jier ek meidwaan sil oan de Spulwike.

De mikrofoanminsken (Kokos en Nút) sette de earste ferskes yn. Ridzert kin de ferskes noch net, want yn Itens ha sy dy net oefene op skoalle. Dat makket neat út, want by de tredde Holle Bolle Tsjing raasd er lykwols al mei.

Hjirnei freegje Kokos en Nút oan de bern oft sy de âlden nei hûs ta stjoere moatte. De bern hoege net lang nei te tinken en roppe lûd "Ja, ja, ja!".

Mem wiuwt noch ien kear nei Ridzert en set dan ôf, nei de auto ta; twa dagen lang sil sy gjin bern hawwe oan Ridzert.

# Tinte bouwe yn Easterwille

EASTERWIERRUM - It groepke van Trees, de Slingerapen, is dwaande mei it bouwen fan harren tinte. De bern wolle avesearje, want it liket der op dat is aanst reine sil. It materiaal hawwe de bern earder op 'e moarn mei ferskate spultsjes by elkoar fertsjinne. Jildou, Habtamu, Tessa, Jesse en Rianne helpe Trees om it leven. Trees hat al in protte ûnderfining mei it bouwen fan tinten, want de ôfrûne jierren wie it hyltyd sok min waar, dat der yn 'e regel alle dagen in nije tinte boud wurde moast. As it doek om de stokken hinget, liket it al hiel wat. Habtamu hellet in fervekwast op en hy begjint mei it fersieren fan de tinte. De famkes blaze balonnen op en ek dy wurde ûnder hannen nommen mei de fervekwast. In heal oerke letter is it paleiske fan de Slingerapen klear, de bern fine de eigen tinte fansels fierwei de moaiste fan it hiele doarp. Mar ja, dat sizze alle groepkes fansels.....



*De earste tinten stean al*

# Triennen gau fergetten yn Easterwille

EASTERWIERRUM It is woansdeitemoarn en Jan sil foar it earst nei de Spulwike ta. Hy moat in hiel lyts bytsje gûle. Hy fynt it wat eng. Aanst sit er yn in groep mei bern dy't er net kin. En in lieder dy't er net kin. Yn groep 3 op syn skoalle kin er it goed fine mei de oare bern. Ek syn juf is hiel leaf.
Mar no de Spulwike. Hy wit fan syn broer Ruerd dat se ferskes sjonge. En der binne spultsjes. "Ik haw wol sin yn de optocht", seit Jan. Ferline jier hat Jan dêr al ris west, mei syn broer. Hy fûn it sa moai. Mar no doart er eins net. Mem droeget syn triennen. Dan set se Jan op it fjild.
Fan de man en de frou mei de mikrofoan moat hy dach sjonge tsjin heit en mem. Even tinkt Jan dat er wer gûle moat. Mar dan sjocht er syn lieder. Sy sjocht der best wol leaf út. En de oare bern út de groep binne hast itselde as Jan syn freonen op syn eigen skoalle.
Nei fiif minuten hat er al in freon makke. Hy laket al. En de triennen? Dy is Jan al lang wer ferjitten.

# Littens knypt (der tuskenút)

LITTENS / BAARD - "Do moast hjoed mar nei Littens ta", seit myn baas. Dat fyn ik op himsels net sa slim, mar it is sa'n ein riden. Mar goed, jo binne in mediateam foar trije lytse plakjes, dat dan moatte jo dy plakjes ek in besite bringe. Sa kaam it dus dat ik nei Littens ôfreizge. Ik wie al wat let en ried dus te hastich, wat oars as te hurd, rjochting Easterlittens. Fansels sil je dan altyd sjen dat de spoarbomen ticht binne en dat je net hurder as tritich meie yn ferbân mei opspattende stientsjes. Op it stuit dat ik der hast bin, wurd ik noch ien kear opholden. Jo sille it net leauwe, mar der kamen in pear trekkers del mei karren en bern dêrop. Moatte jo begripe: mei bern derop. Soks kin dochs net?
Doe't ik te let yn Littens arrivearre, wie it fjild leech. Gjin bern te bekennen. Net yn de jungle, net yn it doarp, net yn de feart wat sawat de thúsbasis is fan alle aktiviteiten, mar dat even tuskentroch, net yn de tintsjes, nearne. Hoe hawwe wy it no? Fuort!
Lokkich wist in Littenster my lykwols te fertellen dat it trije doarpespul op it program stie; yn Baard, Húns en Winsum. As in gek skeurde ik dêrom doe mar rjochting Baard. Jo wolle it leauwe of net, mar wer waard ik opholden troch in wein mei bern derop.
Om't ik it hielendal hân hie en middeis oare saken te dwaan hie, besleat ik dan mar ús stjerreporter op paad te stjoeren.



*In ferlitten sportfjild yn Littens*

# Kriminele bern slane harren slach yn Húns

HUNS - Yn it oars sa rêstige Húns is it hjoed in drokte fan komsa. In wiere ynvaazje fan bern op trekker en wein. "De minsken yn Húns moatte wol eefkes witte dat wy der binne." seit Douwe. Douwe is it lytste mantsje yn Littens, mar hy makket fierwei it measte leven. "Oeral dêr't wy binne!", klinkt it troch de buorren. De minsken yn Húns lûke ferheard de gerdinen iepen en sjogge dat it goed is: it is Spulwike.
Húns is ien fan de trije doarpen dy't de bern oandogge mei it doarpespul fan Littens. De oare doarpen binne Winsum en Baard; yn dat lêste doarp hawwe de bern iten. Fierder hawwe de Spulwike-bern fan Easterlittens yn Baard mei in selsmakke spinreach in bal oer in hindernisbaan meinimme moaten. Ek wie der in libbene stuolledûns. Jo ferslachjouwer op lokaasje koe it net litte en hat ek efkes meidien; it gong sa mâl dat dizze stumper no noch út de liken is.
Yn Húns giet it hielendal need; der is trefbal mei trije fakken en der is in dievespul. Alle groepkes krije in fak mei dêr yn in pak strie, in pealtsje, in stoel, in koker en in bierkret. It is de bedoeling dat de bern by oare groepkes guod weistelle om sa allegearre saken fan ien soart yn it besit te krijen. Mei de pealtsjes en de kretten wol dat noch wol, mar in pak strie nimme jo fansels net samar mei. It gong sels sa mâl dat ien jonkje ûnsêft mei in kretsje yn oanrekking kaam en in pear tosken bruts; it mediateam winsket him dan ek in protte sterkte ta.

# Hastige spultsjes oan de oare kant fan de Swette

WEIDUM - "It falt allegearre wat yn wetter", seit Arjan de Koning, "de flotfarderij wie alles behalve flot." De spultsjes dy't foar de woansdeitemiddei pland stiene geane net yn syn gehiel troch. De organisaasje hat der foar keazen om de weromtocht rinnendewei te dwaan, yn stee fan wer mei it flot werom te farren. "Oars koene we net iens ien spultsje dwaan".
Oan de oare kant fan de Swette is in rûte útsetten fan trije kilometer dy't de bern ôfrinne moatte. Underweis binne der in stikmannich spultsje. Sa moatte de bern aaien nei elkoar tasmite dy't dan mei in soarte fan "opfanghoed" mei de holle fongen wurde moatte. Jo begripe dat soks moaie plaatsjes opleveret. Ek in bekend spul as twister soarget foar de nedige hilaryske plaatsjes. It is eins allegear wat te krap tiid, sadat de bern it rûntsje wat hastich ôfmeitsje moatte. "Dêr wurdst oars al lekker waarm fan", seit Katey, "ik wie sa kâld nei't ik fan dat flot ôfkaam". Op de weromreis prate Ruben en Liesbeth mei elkoar. "Ik fûn dit hast like moai as de survival", seit Ruben. "Ik fûn it noch wol twa kear sa moai", folt Liesbeth him oan. In grutter komplimint kin de kommisje dy't ferantwurdlik wie foar de organisaasje fan de spultsjes fan hjoed net krije.

# J. V/D ZEE SERVICES

lutjelollum 1
telefoon 0517 39 68 86
mobiel 0654 61 85 35

tegelhandel
julius van der werf b.v.

**tegels - sanitair**

sneek - lorentzstraat 19
telefoon (0515) 413 148
telefax (0515) 423 876

groningen - diamantlaan 2
telefoon (050) 312 81 57
telefax (050) 314 58 32

eetcafé
**JONKER SIKKE**

**eten en drinken, catering**




# Jansma
*Voor advies en realisatie*

Ontwerp, aanleg en onderhoud van infrastructuur.
Planontwikkeling.
Milieutechnieken bestaande uit: baggerwerk, bodemsanering en reiniging van grond, slib en grondwater.

JANSMA
DRACHTEN
WEGEN EN MILIEU

De Bolder 1 - 9206 AM Drachten
Telefoon 0512-334070 - Telefax 0512-522432
info@jansma.biz

**Kapsalon - Schoonheidsalon**

# Mathilda

Makket wurk fan hier

**Kapsalon Mathilda**
J.H. van Aismawei 18/A
9045PJ Beetgumermolen tel: 058-2531612

Lankhorst trossen breken niet



GROUP BV

Lankhorst Touwfabrieken bv

Prinsengracht 2
Postbus 203
8600 AE Sneek

T: 0515 487654
F: 0515 487550

info@lankhorst-touwfabrieken.nl
www.lankhorst-touwfabrieken.nl

# Keet Winsum

**www.keetsite.nl**

# fratsaria

**interieur. exterieur. decor. stand. meubel. bouw en ontwerp**

Jaap Groen
Hegedyk 24
9024 EB Weidum

**T** 058 - 2519603
**M** 06 - 13457082
**W** www.fratsaria.nl

## "Wat in ferskrikklike kick; as bern wie it al geweldich, mar dit wie noch folle better"

*In fraachpetear mei Jester Nynke Schouwstra*

EASTERWIERRUM - Der binne fan dy minsken dy't Spulwike as har "middle name" hawwe, lykas Jester Nynke Schouwstra. Jester Nynke hat mar leafst tolve jier yn 'e lieding sitten fan Easterwierrum, wêrfan de lêste acht jier yn de Wierrumer haadlieding. Mar no hat it moai west. "It is tiid foar nij bloed", seit se sels. Doe't se sels as bern mei die, fûn se de Spulwike al geweldich, mar nei seis kear meidwaan komt dêr dan dochs in ein oan. Jester Nynke koe har dêr lykwols net samar by del lizze en socht kontakt mei Frâns Felkers, dy't doe yn 'e lieding siet fan Easterwierrum. Se frege him oft der dan neat te dwaan wie foar har yn 'e Spulwike, lykas mei amers ranja sjouwe of oare putsjes. Doe't se âld genôch wie om lieder te wurden, hat Jester Nynke gjin momint twifele. In hichtepunt foar har wie de earste kear dat se as lieder yn 'e Easterwierrumer optocht mei rinne mocht. "Wat in ferskrikklike kick; as bern wie it al geweldich, mar dit wie noch folle better". Fan it jier is de sfear ûnder de lieding yn Easterwierrum geweldich, fertelt Jester Nynke. Sa hawwe se in jûnskommisje dy't har dwaande hâldt mei it fermeitsjen fan de lieding jûns. "Eins hoege we allinnich foar de moandeis echt wat te organisearen, de oare jûnen binne wy mei de optocht of mienskiplike jûn dwaande", siet Jester Nynke. Se fynt it wichtich dat de groep lieders in hechte klup is. "De nijkommers moatte it idee hawwe dat se al jierren mei dogge, en dat slagget bêst!" Jester Nynke sit fansels ek fol mei anekdoaten: "Wy hawwe ek jierren meimakke dat we net sliepe koene en by de "âld toer" yn Easterwierrum geasten oan it ferdriuwen wiene. Wy hopen dat wy sa better waar krije soene."



Of dat ek echt holpen hat, wit se net mear. "Mar ik wit noch al dat wy altyd in protte wille hiene", seit se.
No yn dit lêste jier merkt se wol dat in soad dingen op de automatyske piloat geane. "Ik belibje der noch altyd in protte wille oan, mar ik wol no dochs wol ris wat nijs. Mar hielendal ophâlde sil dreech wurde... In funksje yn it mediateam of my dwaande hâlde mei de thússide liket my wol wat", jout Jester Nynke ta. Dêr binne wy as "âld" mediateam fansels wol bliid mei. Wy sykje nammentlik noch minsken dy't trochpakke kinne en goede ideeën hawwe.

## Marjan Feenstra oan it ôfkicken yn Brazilië

*Marjan hâldt nei acht jier mei Spulwike op*

EASTERWIERRUM - Der is fan it jier noch in Spulwike-crack dy't der mei ophâldt: Marjan Feenstra; haadlieder te Easterwierrum. As bern hat se seis jier meidien en as lieder no alwer acht jier. Fjouwer jier mei in groepke bern en fjouwer jier sûnder. "Ik haw de bern wol ris mist, as ik gjin groepke hie, mar je komme se wol wer tsjin op it fjild; machtich! Oan de oare kant meitsje jo wol alles mei as jo gjin groepke bern hawwe." Se glundert der oer as se ferhalen fertelt oer de frjemde strapatsen dy't bern sa no en dan úthelje kinne.
Marjan is lieder wurden yn Easterwierrum om't je dêr al meidwaan kinne as je santjin jier binne. Om nei in oar doarp te gean, is nea by har op kommen. "It is hjir sa prachtich. Je sjogge de bern sa feroarjen yn twa dagen tiid; op de earste dei binne se noch aardich skruten, mar op de twadde dei raze se har de longen út it liif by de optocht."
Fan it jier hiene se tsjin de bern sein dat Marjan foar it alderlêst wie. Se flústeren de bern yn dat Marjan it wol moai fine soe om in tekening of sa te hawwen foar boppe har bêd. De bern hawwe dat goed begrepen. "Dan kin ik wol janke, hin", seit Marjan, "Alle bern hiene de oare deis in tekening, knutselwurkjes en knuffels foar my meinommen. Dat is dochs geweldich." Marjan fynt de lieding yn Easterwierrum fan it jier wer te gek. "Wy hawwe wer sa'n wille hân. Jûns lekker gek dwaan en moarns wer mei syn allen der stean foar de bern. Ik sil wol ôfkicke moatte, tink." Op it stuit dat it Spulwike Magazine by elkenien troch de bus falt, is Marjan lykwols net thús; sy sit no earne mei har freon Jentsje (dy't yn 'e lieding sit yn Littens) yn Brazilië: efkes bekomme fan acht jier Spulwike.

## Spulwike Easterwille wit wat Jesse nedich hat!

**Rianne Haakma fan Wommels wûn yn 2003 mei har ferhaal oer har soan Jesse dy't oan de Spulwike fan 2002 yn Easterwierrum meidie de earste priis yn 'e simmerferhalewedstriid fan de Nederlandse Vereniging voor Autisme. Hjirûnder in ynkoarte ferzje fan har ferhaal; wy hiene spitigernôch net genôch romte om it ferhaal yn syn gehiel te pleatsen.**

Jesse, 6 jaar, PDD NOS, zit in groep drie van het reguliere basisonderwijs, dus mag ook hij meedoen aan de Spulwike. Zijn oudere broer was hem al voorgegaan, dus hij wist ongeveer wat hij zou gaan doen. Ik had natuurlijk ook een opgave-formulier ingevuld, waarin gevraagd werd naar bijzonderheden. Daar heb ik ingevuld dat Jesse PDD NOS heeft, maar geen ADHD. Dat Jesse een rustige jongen is, die duidelijke, korte opdrachten nodig heeft én veel complimentjes! Jesse verdwaalt als hij niets te doen heeft.
(..)
Eenmaal op het Spulwike-terrein in Easter(wille)wierrum, schoot ik een leider aan: "Dit is Jesse", zei ik. "Hij heeft PDD NOS en ik wil hem graag direct aan zijn leider overdragen." De leider in kwestie stelde zich aan Jesse voor, nam hem bij de hand en bracht hem bij zijn leider! Ik staarde ze met open mond na; helemaal beduusd van de vriendelijke, kordate manier van optreden van deze leider. Volledig op de kinderen gericht; ouders tellen hier niet mee. Heerlijk; ik kon het meteen loslaten en Jesse met een gerust hart achterlaten!
Daar zat Jesse, naast leider Arjen, tussen nog zo'n zestig kinderen die luid meezongen met meezingliedjes als "Hoofd, schouders, knie en teen" en daarna nog luider "Dag vaders en moeders, daag, daag, daag..."
(..)
Dag twee begon op een iets meer ontspannen manier. Alleen moest ik Jesse nu vertellen dat het alweer de laatste dag was. Dat hij de hut weer moest afbreken. Een treurige Jesse keek mij aan. "Morgen komen er weer andere kinderen om een hut te bouwen. Maar je mag heel lang blijven. Jullie gaan namelijk pannenkoeken eten!" Daar had meneer wel oren naar. "Daarna is er een optocht. En kijk, hier heb je een muziekinstrument, want je moet bij die optocht veel lawaai maken." Een glunderende Jesse kijkt me nu aan.
(..)
Enthousiast stapt hij het veld van Easterwille op. De speakster begroet Jesse en roept meteen leider Arjen op. Weer verbaas ik me over zoveel kennis van wat Jesse nodig heeft. Weer maakt mijn hart een sprongetje; het lukt, Jesse kan heus wel mee met "gewone" kinderen Spulwike vieren! Er zijn echt mensen die weten wat deze kinderen nodig hebben en die de moeite nemen om zich in te lezen!

Knipkeamer
Rixt

Openingstiiden
Dinsdag t/m Vrijdag: 8.30 - 12.00 en 13.00 - 17.30
Donderdagavond van 18.30 - 20.30
Zaterdag: 8.00 - 12.00
Behandeling op afspraak.
Greate Buorren 15, Wirdum - tel. 058-2552636

Vertrouwde partner
in het bouwproces

Krachtige partner voor bouwprojecten.
Nieuwbouw, verbouw en renovatie in

Jorritsma Bouw
Bolsward Drachten Steggerda Almere Groningen Stadskanaal
Telefoon (0515) 578200 • www.jorritsma-groep.nl

HWAT BÛGE KIN SIL NET BREKKE 125

Noordmans
Licht
&
Geluid

Jarich Noordmans
Waling Dykstrastrjitte
8843 KG Spannum
✆ 0517-342118

P&W

CAR REPAIR AND PAINT CENTRE

Peter Pitstra - Menno Walinga

St. Michaëlsberch 4 - 8831 ZM Winsum
Tel (0517) 34 23 49 Fax (0517) 34 23 55

Acro
TEXTILES

Postadres:
Postbus 271
8901 BB Leeuwarden
Bezoekadres
Harlingertrekweg 85
8914 AV Leeuwarden
TEL: +31(0)58 2124135
FAX: +31(0)58 2125054
E-MAIL: info@acro-souvernirs.nl

PLUS

Plus Ernst
De Dobbe 1
9022 BE MANTGUM
Tel: 058 - 2501493
Fax: 058 - 2501177
Web: www.plussupermarkt.nl

POIESZ
SUPERMARKTEN

oranjewoud
www.oranjewoud.nl

# Spultsjes yn Wiuwert: Girlpower mei it toulûken, Gysbert Lanting oan beam fêstbûn

WIUWERT - It is tongersdeitemiddei. Oan 'e râne fan Wiuwert, by it keunstwurk, sit Dicky Zijlstra (21) fan 'e Weidumer lieding. Sy hoecht hjoed gjin groepke te lieden, mar moat de spultsjes op dizze lokaasje yn goede banen liede. Dicky leit it spul út oan 'e bern: "Jim moatte ien foar ien nei de fierste beam drave en as jim werom binne, kinne jim by my in kaartsje krije. Dêrop stiet de namme fan in bist. It is de bedoeling dat jim dat bist útbyldzje, mar jim meie dêrby gjin gelûd meitsje." It liket derop dat de measte bern faker hints-eftige spultsjes dogge, want it giet suver wat te rap mei it útbyldzjen en rieden fan de bisten. In liuw, in bear, in oaljefant en in ko komme foarby. Frjemd genôch docht it bliken dat it noch it dreechst is om dat lêste bist út te byldzjen. Dan jout Dicky in tip: "It is in bist dat gers yt!" "In soad bisten ite gers; ik ek!", ropt Jip (11). Liedster Jorieke ropt op in bepaald stuit ek dat se it wit wat der bedoeld wurdt: "It is in seefûgel!" "Eh juh, do meist ommers net meidwaan", laket Dicky. Jorieke is in bytsje min. It wie juster grut feest yn Easterlittens en se hat net safolle sliep hân. Guon jonges út har groep wurde wat lêbich en begjinne mei pôlen gers te goaien. Dêr hat Jorieke gjin nocht oan: "En no ophâlde, Wybren!", ropt se. Wybren is eefkes ûnder de yndruk, mar is in pear tellen letter al wer mei pôlen oan 'e gong. Jorieke lit it mar. Neist de jungle-estafette fan Dicky, kinne de groepkes yn Wiuwert ek tsjin elkoar tou lûke en toutsje springe. Lieder Gysbert hat it der mar dreech mei. Syn bern bine him hast oan 'e beam fêst mei it springtou.

Famkes fan it groepke De Banananas komme op jo ferslachjouwer ôfdraven: "Wy binne folle better yn it toulûken as de jonges", roppe se. In wier staaltsje Girlpower hjir yn Wiuwert dus.



*De mannen kinne net lûke*

# Tongersdei is dè dei

EASTERWIERRUM/WEIDUM/EASTERLITTENS - De tongersdeis is dè dei fan de Spulwike. Yn alle trije doarpen wurkje se ta nei dat hichtepunt. Wylst by de lieding stadichoan de eachjes wat lytser wurde, wurde de bern almar drokker.

Yn Easterwierrum is de optocht it hichtepunt dêr't de hiele wike nei ta wurke wurdt. De ferskes wurde repetearre, de fersieringen makke en mei de spultsjes wurde de oeren fierder ynfold.

Yn Easterlittens begjinne se dei mei in bearejacht, om dêrnei gau it moaie waar optimaal te benutten yn it swimbad fan Wommels. Mei sa'n tritich graden soarget it wetter foar in winsklike ferkuolling op dizze benaude dei. As bern en lieding werom binne yn Littens, wurdt der oanstalten makke foar de optocht.

Yn Weidum reizgje hja de hiele dei mei trekker en wein by in stikmannich doarp del. Yn alle doarpen binne spullen betocht dy't de bern wat útputte moatte. As se werom komme, hat Sjoerd fragen betocht foar it ja en nee spul. Jûns sil nei it Sineeske iten de bûnte jûn en de disko hâlden wurde yn it Weidumer doarpshûs. Nei it dûnsjen en sjongen ferpleatst itWeidumer sirkus har nei de pleats fan Flapper, dêr't de bern noch even sjonge en ite meie, om dêrnei gau it bêd op te sykjen.

De tongersdeis is in feest foar bern en lieding. It is allemachtich swier, mar wier dè dei fan de Spulwike.



# Bearejacht yn Littens: "der sit in papegaai yn 'e beam!"

EASTERLITTENS - Op tongersdei begjinne de bern de dei mei in foksejacht. Yn it ramt fan it tema, wie it spultsje omdope ta "bearejacht". Sûnder lieder stapten de bern it doarp yn. Nei in heal oerke hienen de measte groepkes al in hiel protte foksen, pardon, bearen fûn, mar dêrnei wie it dreger sykjen. Foaral de malariamich en de fûgelspin binne muoilik te finen. "Mar ja, dat binne ek hiele lytse bisten!" ropt ien fan de bern út it groepke De luiaards.

Lieder Libbe Poppema is ferklaaid as swyn; hy rint der dus krekt as gewoanwei by. "En de bern sjogge it allegear fuortendaliks", seit er. Efkes fierderop sit in man te fiskjen en om de safolle tellen stapt der in groepke bern op him ta. Dy bern freegje stik foar stik "Binne jo der ek ien?" De man hat der skjin syn nocht fan, want hy is net ien fan de foksen; hy wol gewoan efkes lekker fiskje.

"Wa is it moaist ferklaaid?", freegje ik oan in keppel bern. "De papegaai yn de beam wie echt hiel grappich!", sizze hja. Ik beslút de papegaai yn de beam sels ek mar op te sykjen. Lieder Cees Sietsma sit by syn kollega Jelle Anema op 'e nekke en ropt: "Der sit in papegaai yn 'e beam, der sit in papegaai yn 'e beam!" Cees is nammentlik ferklaaid as papegaai en Jelle is de beam. "Dit binne fuortendaliks al twa foksen", seit ien fan de bern. Se freegje om in hântekening, en sette wer ôf, op 'e syk nei oare foksen.

## JUNGLE TIEDE

**Túten sútelje**

De ljochten geane út; de ljochten gean wer oan. Doe 't ik sels meidie as bern, wie it al krekt sa yn it doarpshûs en op stâl. Nachttuten. By Sytse Auke en Johan op de pleats oan de Dekemawei is it net oars. Alle jierren wer sjoch ik it barren oan en ferwûnderje ik my oer de ferskillen fan dei en nacht. De oars sa stoere jonges mei grut praat, dy't likegoed djip yn de sliepsek weidûke. De dochs wat skrutene famkes dy't de hiele wike stil genietsje op lytse ôfstân, strune no yn pyama alle matrassen of luchtbêden ôf om har tuten út te suteljen. Aanst om seis oere, as ik de earste wacht rinne moat, binne alle bern wer gelyk. Lizze se allegearre noch te sliepen en te dreamen. Guon miskien fan dy iene tút, dy't hy of sy krigen hat, of hawwe woe. Fan dy knappe jonge, of dat aardige famke

Bouwbedrijf
G.A. v.d. Kooy

Hegedijk 37 9026 B.A. Jellum

*Verbouw Renovatie Nieuwbouw.*

*Nu ook voor dakbedekking en zinkwerk*

Voor een gratis offerte bel nr. 0582519543

**Het meubelhart van Friesland klopt bij**

RESI

*wommels*

**Wooncentrum**

De iisbaan 10, 8731 DW WOMMELS
tel. (0515) 33 26 60 fax (0515) 33 21 23

Meer Markt

De leukste winkel in de buurt!

Meer Markt Meetsma

Spoorstrjitte 11 - 9033 WJ Deinum - Tel. 058 2541517



DE VIJF SINNEN

*specialiteiten restaurant*

Steeds wisselende seizoen-specialiteiten.
Gezellige partyzaal voor groepen.
Open vanaf 18.00 uur.
Zondag en maandag gesloten.
Graag tot ziens, Kevin en Daniëlle.

*Hegedyk 2, 9024 EA Weidum*
*Telefoon (058) 251 92 17*
*www.devijfsinnen.nl e-mail info@devijfsinnen.nl*

Wheagan

*MULTI CAR SERVICE*

De Lange Baan 5
8731 DZ Wommels
Telefoon: (0515) 33 31 21
Telefax: (05125) 33 31 45

maakt moeilijk makkelijk

**PUUR**

Opleidingen

www.puurautomatisering.nl

DeGroot

DAKBEDEKKING & ZINKWERK

**nieuwbouw - renovatie - onderhoud**

Hoptilsterdyk 2 9027 BC Hijlaard
058 - 251 97 60 mobiel: 06-105 868 21



## Doarpespul Spulwike Weidum: bierfleskerace yn Baard

BAARD - Doe't jo ferslachjouwer fan 'e moarn troch Baard ried, seach er dêr op it sportfjildsje midden yn it doarp ynienen in kreaze jonge blonde frou omrinnen mei lege bierkretsjes, pionnen, amers en mear fan ditsoarte fan saken. Dat fuortendaliks mar de reportaazjewein yn 'e efterút en it rûtsje nei ûnderen om ris eefkes te fernimmen wat hjir oan 'e hân wie. "Kinst wol efkes helpe", seit Elske de Wolf (20) fan Wergea. Elske sit yn 'e Weidumer lieding en is dwaande mei it opbouwen fan in estafette yn it ramt fan it doarpespul. Hjoed geane de bern fan Spulwike Weidum mei trekker en wein ferskate doarpen yn Littenseradiel by del om dêr alderhande spultsjes te dwaan. "Ik moat al wat opsjitte, want it is al tsien oere en aanst komt de earste groep bern al", seit Elske. Dat efkes letter rin ik mei har mei in pear kretsjes en amers nei de feart dy't it tichtst by is. Lokkich leit dêr in skouke yn, dat sa kinne wy amers en fleskes maklik folle. "Dit is foar de bierfleskerace. Dy dogge wy as wy hjir wat tiid oer hawwe", ferklearret Elske. "It wie justerjûn in grut feest foar de lieding op 'e mienskiplike jûn yn Easterlittens. Dat fiel ik noch wol in bytsje yn 'e skonken. Mar as de earste bern der aanst binne, sil ik my wer wat opskerpje", seit se.
As wy wer werom rinne nei it fjild om de estafette út te setten, krije wy selskip fan in ynwennerke fan Baard: "Ik bin al sân en fannacht om trije oere sille wy op fakânsje nei Sweden", seit it famke. Se fynt it moai om Elske wat te helpen mei it klear setten fan it spul. Ik sjoch dat it goed is en beslút wer fierder te gean, op 'e syk nei oar nijs. As ik werom ryd nei Weidum, komt de earste trekker mei bern my al temjitte. Elske krijt it aanst drok, tink ik.



*De spultsjes yn Baard*

## Gjin sin oan 'e optocht

EASTERWIERRUM - It is al wer tongersdeitejûn en Jan hat twa moaie dagen hân. Syn liedster is leaf en grappich. Se hâldt Jan de hiele tiid foar it lapke. Jan en syn maat Henk laitsje om har. Ek de famkes út de groep binne bêst wol aardich.
Hy baalt dat er aanst nei hûs ta moat. Hy hie sa'n sin oan de optocht. No't er wit dat it nei de optocht dien is, wol er net. Hy wol noch wol twa dagen. Mar as er efter de trekker en wein oanrint by de optocht, sjongt er dochs allemachtich lûd. Dan sjocht er syn heit en mem stean. Ek syn broer Freark is der en syn suske yn de bernewein. Jan docht krekt as sjocht er se net. Hy tinkt dat se him oars mei nei hûs ta nimme. As de optocht dien is, seit er hoi tsjin de groep en de liedster en draaft er nei heit en mem ta. Yn de bernewein raast er "Holle Bolle tsjing!" Syn suske begjint te gûlen. "Hindert neat", seit Jan, "asto like âld bist as ik, fynst it echt te gek!".
Se ride yn de auto nei hûs ta. Jan kin de eagen net iepen hâlde. Hy dreamt fan de twa machtich moaie dagen.




*No is de spulwike foarby!*

## Lieders ûnder smard mei smurry troch bern Easterwille

TSJERKEBUORREN - De bern fan Easterwierrum hawwe op tongersdeitemoarn spultsjes dien en har tinten noch moaier makke. De tinte fan de slingerapen wie noch moaier fersierd as juster. Yn 'e rin fan de moarn brekt de sinne troch, dat de dei kin net mear stikken. Alhoewol: de earste bern begjinne no wer te kleien om it te waarm is. It is ek nea goed by dy bern.
De measten binne lykwols út de skroeven en sjogge al út nei de spultsjes fan it middeisprogram. De bern út groep trije, dy't dit jier foar it earst meidogge en juster de ferskes noch net koenen, sjonge no as lysters.
By de âlde toer op Tsjerkebuorren hat de lieding allegearre spultsjes opboud. De hindernisbaan leveret in protte knoffelpartijen op, mar de bern hawwe it te drok om dêr lang by stil te stean; der is gjin tiid om te skriemen.
De sjippebaan is in grut sukses. De bern fleane it lêste eintsje op de knibbels oer it seil. De baan is echt sjippeglêd; letterlik want der sit griene sjippe op it kuilplestyk. Oan de kant stiet in lieder de bern wiet te spuitsjen, mar Hendrika fynt it hielendal net slim om wiet te wurden. "Dat is krekt lekker mei dit waar", seit se.
In eintsje fierder op steane twa lieders yn in skavot; sy kinne gjin kant op. De bern meitsje fan de gelegenheid gebrûk om har lieders ris flink mei smurry ûnder te smarren.
As de spultsjes by de toer ôfrûn binne, begjinne guon bern te sjongen: "Jacob Kees is op Trees!" Lieder Jacob Kees wurdt sa read as in byt, mar dat jout neat, want hy sit hielendal ûnder de ferve, dat it falt net op.



FINISH
Betonvloertechniek

Mastersein 7
8523 NK Idskenhuizen
Tel. 0513 - 43 46 90
Fax. 0513 - 43 46 15

www.betonvloertechniek.nl • info@betonvloertechniek.nl

Simon van den Berg
Weidum



Wielsterdyk 23
9024BD WEIDUM
Tel.**058-2519734**

d.a. reekers
TECHNISCH INSTALLATIEBEDRIJF

In de jungle van installatieland,
Neemt u D.A. Reekers bij de hand

Baerderdyk 14, 8835 XA Oosterlittens
Telefoon 0517 - 341458 Telefax 0517 - 342090

TTT
software

It Hoefizer 14
8561 GD Balk
Tel. 0514 - 60 55 08
Fax 0514 - 60 54 61

www.tttsoftware.nl

internet & software oplossingen

BOUWBEDRIJF
SIETSE LOK

It Hynstewaed 4
8835 XC Oosterlittens
Tel. (0517) 34 15 73
Fax (0517) 34 24 75

BOUW GARANT
NVOB

onderhoud - verbouw - renovatie - nieuwbouw

MvM ZONWERINGEN
**Hogeterp 3, 8831 XT winsum**
**Telefoon 0517 - 34 14 17 • Fax 0517 34 21 00**

***LEVERING EN PLAATSING DOOR HEEL NEDERLAND VAN BINNEN- EN BUITENZONWERING***

*Wij garanderen de laagste prijs met een zeer hoge kwaliteit. Indien u elders goedkoper kunt, leveren wij het u voor de dezelfde prijs* (*Mits dezelfde kwaliteit.) Voor vrijblijvende informatie kunt u ons altijd bellen.*

PoasK

**Handgemaakt kunstaas & toebehoren.**
Unieke handgebouwde hengels.

**WWW.POASK.NL**

ARCHITECTENBURO MA2
PIET GORTER AvB

Mantgum
De Grêft 22

Tel. 058-2501098
Fax 058-2501798

www.ma2.nl
info@ma2.nl

## Tsjêbe de Vries rapste boer fan Weidum?




BOAZUM Op sa'n ladewein efter in trekker sjochst faak in buordsje stean dêr't op stiet hoe hurd as er mei in trekker der foar ride mei. As jo ferslachjouwer Boazum oandocht om dêr ferslach te dwaan fan wer in oar spultsje, moat ik fan in jonge út it groepke fan Hindrik van Dyk mei om te sjen wat der efter op dizze ladewein stiet. Ik woe it sels ek net leauwe, mar it stie der dochs echt: dizze kombinaasje kin mei 125 kilometer yn it oere troch de doarpen skeure. Stuiterst dan net hielendal troch elkoar hinne, ast yn dy karre sitst en hy rydt sa hurd? "Nee juh, falt wol ta; moatst dy gewoan goed fêst hâlde", seit it jonkje. Ik beslút om mar ris neifraach te dwaan by de sjauffeur fan dizze trekker en wein, Tsjêbe de Vries, boer te Weidum. "Kin dat ding wier 125 kilometer yn it oere ride?", freegje ik him. "Ja hear", seit er sûnder in spierke yn syn gesicht te ferlûken. "Einlik kin er wol de 250 helje, mar der sit in begrinzer op, dat sadwaande no", ferdúdliket De Vries my. Dy Tsjêbe moat wol de rapste boer fan Weidum wêze, tink ik by mysels as ik Boazum útryd.

## Mikrofoanman silger makket come back



*Nico Hettinga is it noch net ferleard*

WEIDUM - Tongersdei is der oan de ein fan de middei altyd romte foar it ja en nee spul. Der wurde fragen steld oan bern en se meie kieze tusken ja of nee, tusken A of B. Ast it fout hast, bist ôf. In ferrassing wie dat mikrofoanman silger Nico Hettinga foar efkes syn come back makke. Hy hie opdrachten betocht dy't altyd grappich binne foar bern. Sa moasten Pier en Sjoerd sjen litte wa't it rapst om it fjild drave koe en stutsen Klaas en Willem harren kop yn in amer wetter. Margriet en Anje strieden der om wa't it langst op de kop stean bliuwe koe.
Uteinlik wie der al in winner, mar doe wiene de fragen noch net op. Dat Nico gie noch efkes lekker troch oant it tiid wie om ôf te setten nei de pleats fan Flapper foar in lekker jûnsmiel.



## It doarpespul: hindernisbanen, toulûken en wein fersiere

Ik sil my efkes foarstelle. Myn namme is Sybren van der Meer. Der wie my frege om in dei mei te rinnen mei it mediateam en ferslach te dwaan fan it doarpespul fan de Spulwike yn Weidum. Dat like my fansels geweldich. Sadwaande kaam ik by de Spulwike telâne fan it jier.
Om njoggen oere hinne kamen alle bern op it fjild en om in oere as tsien reizgen de ferskillende groepkes mei trekker en wein ôf nei ferskillende doarpkes yn 'e gemeente om spultsjes te dwaan.
Doe't wy yn Baard wiene, setten wy útein mei de jungle-estafette. Dat gie noch net sa rap, want elkenien wie noch net like útsliept. Nei't elkenien wer yn 'e karre siet, reizgen wy fol goede moed ôf nei Winsum, dêr't wy in toanielstikje opfiere moasten.
Underweis wiene der fansels in soad ferskes songen troch de bern. Yn it toanielstikje wie ik Tarzan, dy't Jane rêde moast, wat echt super goed gie (ik seach der dan ek echt út as Tarzan). Nei in moai eintsje riden, mei it sintsje der by en in moai útsjoch út de karre wei, kamen wy oan yn Wommels, dêr't it folgjende spul al wer op ús te wachtsjen stie. De twa groepkes dy't hyltyd tsjin elkoar strieden, en mei elkoar ûnderweis wiene yn de karre, wiene de Bananana's en de Moeras Monsters. It wie oars al in spultsje dêr't jo wurch fan waarden, want it gie der om wa't de measte lege bierfleskes by elkoar krije koe, sûnder tikke te wurden troch bern fan it oare team. Nei it spul siet elkenien der folslein troch hinne.
De folgjende rit gie nei Boazum. Mar ja, Boazum is net sa'n grut doarp fansels, dat wy wiene al gau wer it buordsje mei Boazum en in streep der troch hinne passeare. It waard dus tiid om te kearen. Doe kamen wy al by it sportfjild oan. Yn Boazum moasten wy in hindernisbaan nimme, earst slingerje, dêrnei ûnder in seil troch wrotte en doe fia de autobannen it ein helje. Dat gie by elkenien hartstikke goed. Dêrnei wie der noch moai wat tiid oer foar in partijtsje fuotbal. Yn Easterein koene wy útrêste, wat drinke en de wein fersiere. Dêrnei, yn Wiuwert, moasten wy toulûke. It toulûken waard troch de sterke bearen fan de Moeras Monsters wûn.
Nei in super leuke dei reizgen wy wer ôf nei Weidum.

beter in de buurt

**VOLUME MARKT**

Complete supermarkt met:

• Versafdelingen (slagerij, groente en fruit, vleeswaren, kaas).
• Verkoop drogisterij artikelen /-geneesmiddelen.
• PTT agentschap + mogelijkheid geldopname.
• Bloemen en planten.

Wij heten u van harte welkom.

Fam. Tolsma - Kleasterdyk 33 - Winsum
Tel. (0517) 34 16 69 - Fax (0517) 34 16 17

notariskantoor

**Mr. G.S. van der Hem**

notaris & agrarisch specialist

Sluytermanwei 25
9023 AB Jorwert
tel. 058 - 251 94 41
fax. 058 - 251 95 75
e-mail notaris@vanderhem.knb.nl

**Syb van Dijk**

Partijenhandel Friesland bv

*Doordachte produkties*

Kleasterdyk 40
8831XC Winsum
tel. +31 (0)517 342569
fax +31 (0)517 341499

***Royal Keukens***

Kom, kijk en vergelijk.
Meer keuken voor minder euro's

Royal Keukens in Wieuwerd

**M. van KAMMEN**

**CATERINGSERVICE**

**M. Van Kammen Cateringservice**
Rhaladyk 10 - 9064 DD OUDKERK

Tel: 058 - 2563436 Fax: 058 - 2563758
Internet: www.mvankammen-cateringservice.nl

**Energiek in milieutechniek**

Een schoon milieu. Daar draait het om bij de werkzaamheden van Visser & Van Gunst. Met vakkundige medewerkers en de modernste apparatuur zijn wij in staat elke klus te klaren. Uiteraard zijn wij Komo- en VCA** gecertificeerd en zijn we 24 uur per dag bereikbaar.

**Visser & Van Gunst heeft ruime ervaring met:**

- **binnen- en buitensanering**
- **asbestsanering**
- **bodemsanering**
- **projectbegeleiding**
- **renovatieprojecten**
- **sloopprojecten**
- **grond-, weg- en waterbouw**
- **dakbedekking**
- **verhuur machines**
- **detachering vakkrachten**

**Visser & Van Gunst**
ASBESTSANERING

Biensma 25 GROU
Tel.: 0566 - 62 00 87 • Fax: 0566 - 62 04 81
www.vga-asbestsanering.nl • info@vga-asbestsanering.nl

**WALINGA**

Zonwerings- en Schildersbedrijf

Dekemawei 12
8834 XB Baard
Tel. 0517-342402
Fax: 0517-342402
Mobiel: 06-22040886

**TROEFMARKT**

***Het hart van de buurt!***

Troefmarkt A & P de Jong

Sanpaed 8 - 9024 EC WEIDUM
Tel: 058 - 2519616

## Sinees en sneinske klean by Flapper

WEIDUM - It is tongersdei oan de ein fan 'e middei. Bern en lieding hawwe der al in lange dei opsitten. Earst mei trekker en wein de gemeente troch yn ferbân mei it doarpespul, en dêrnei noch ûnder lieding fan Nico Hettinga, oant ferline jier mikrofoanman yn Weidum, it ja en nee spul. Mar it is noch net ôfrûn. It hat healwei seizen west en Nico syn opfolger, Sjoerd van Beem, set de megafoan oan 'e mûle: "It is tiid om dy kant út te gean", ropt er. Hokker kant út? Op nei de pleats fan Flapper, in pear kilometer bûten Weidum, dêr't de bern fannacht sliepe sille. Altyd in moai gesicht, sa'n lange slinger fan bern dy't har earst troch it doarp, en letter oer it fytspaad parallel oan 'e Dekamawei nei de pleats beweecht.
As de bern by de pleats oankommen binne, stiet de iterij al klear: Sinees. De babi pangang en de fujong hai wurdt mei smaak op iten. Jo hawwe ek wol sin oan wat, nei sa'n dei.
Nei it iten kinne der sliepplakken útsocht wurde. De famkes yn it bûthús, de jonges yn 'e skuorre. En dêrnei moat elkenien fansels yn 'e pronk foar de bûnte jûn en de disko. Sneinske klean oan, gel yn it hier, en dan mar wêr op nei it doarpshûs dêr't it jûnsprogramma hâlden wurde sil.

## Knak ite, sjonge en op bêd

WEIDUM, FLAPPER - Nei in nachtlike kuier komme de bern oan by de pleats fan Flapper. Dêr hawwe de Spulwike-feteranen Patrick Kramer en Dries Gerbens it fjurke al aardich heech opstookt. Beide mannen hawwe in stikmannich jier lyn al ôfskie nommen fan de Spulwike, mar de tongersdeitejûns binne se altyd noch paraat om it kampfjoer te fersoargjen; dat is harren wol tabetroud. De bern binne no echt wurch, mar sjonge by it fjoer kinne se noch wol. Krekt foar it sliepen gean, is der dan noch tiid foar in bite: it tradisjonele broadsje knak: twa stikjes wite bôle mei sa'n lekker knakwoarstje. It hat al healwei tolven west en it wurdt sa stadichoan bedtiid.
Om likernôch alve oere is it tiid om nei de pleats ta te gean wêr't sliept wurde sil. De bern raze ûnderweis noch ien kear harren stim heas om dan lekker by in kampfjoer sitten te gean. Der wurdt in lêste stikje enerzjy yn de bern stoppe troch in knakwoarst op in broadsje oan te bieden. Dan hat hja genôch put om it bêd op te sykjen. Dan docht lykwols bliken dat troch it lekken fan in drinkbak foar skiep in stikmannich bêden wiet wurden is. Gelokkich witte Albert Dirk en de oare Weidumer haadlieders dit probleem gau op te lossen, dat no kin der sliept wurde. Of net?
Fansels geane jo net sliepen sûnder in nachttût. De jonges geane nei de famkes ta en noch in kear oarsom. Nei goed in kertier leit elkenien op bêd en noch gjin kertier letter sliepe alle bern al.

## Bern ferlitte doarpshûs ûnder bôge fan lieders

WEIDUM - Noch foar't de earste wacht har rûntsje rinne soe, wiene de earste bern al warber. It wie doe healwei seizen. Fansels wienen de eachjes noch wat lyts. Ek de lieders sjogge wat raar om har hinne. Lieder Pier de Vries hat in grutte sinnebril op syn kop. Net tsjin de sinne neffens Pier en ek net om syn reade eachjes te maskearjen. "Ik sliepte pas om fjouwer oere", skept in mantsje op, mar fan de ferslachjouwer út de nachtploech fernim ik dat bern justernacht samar ûnder seil leinen; om healwei ienen wiene de measten al sa stil as mûskes. Sy hiene dan fansels ek al in hiele wike mei spultsjes efter de rêch. In blond famke komt op my ta seit dat sy juster mei fjirtjin jonges tûte hat. "Kin dat yn de krante?", freget sy. Ik skraabje my efter de earen en freegje mysels ôf wat der fan dizze generaasje bern wurde moat.
De bêden wurde oprêden en it brochje wurdt klear set. It is hjoed brood uit het vuistje, de kampkommisje hie de bôle de jûns yn it foar al smard.
Nei it iten wurde de jonges en de famkes skieden. De froulju geane nei it doarpshûs En de jonges helpe de lieding by it ôfbrekken fan de Arena. Oan de útdrukking vele handen maken licht werk wurdt hjir hannen fuotten jûn troch de mannen; mei man en macht slepe sy de pallets fan de tribune nei de râne fan it sportfjild. As it wurk oan kant is, sette ek de jonges nei it doarpshûs ôf, foar de útsetter fan de Spulwike. Noch efkes springe en dûnsje, noch in pear stikjes fan groepkes bern dy't juster net oan bar west hiene, en dan is it dochs echt foarby. De lieders diele de fotolistkes út oan 'e bern, in bliuwende herinnering oan de Spulwike, en dan is it tiid om ôfskie te nimmen. Under in bôge fan lieders troch ferlitte de bern it doarpshûs. "Bern bedankt!", sjongt de lieding. Wy sizze: Lieding bedankt!



*Spulwike Weidum is ôfrûn*

## Time flies when you're having fun

WEIDUM, DOARPSHUS - Wylst in diel fan 'e Weidumer lieding yn de lytse seal fan it doarpshûs mei it meitsjen fan de fotolistkes dwaande is, dûnsje de bern har hielendal suf op de klanken fan 'e disko. Mar wat is hjir oan 'e hân? Sitte dy bern ferdoarje oan it bier? In jonkje set in fleske Heineken oan 'e mûle en liket him dêrnei aardich dronken oer de dûnsflier te bewegen. Wat is dit? Neifraach by de haadlieding wiist út dat de bierfleskes mei ranja fold binne. Mar wol stoer fansels! Letter op 'e jûn geane ferskate lieders noch mei tsjinblêden mei sjips rûn. Dit is net in ferkeard plak om te wêzen. Tarzan rint ek yn 'e seal om en skinkt ranja yn bierfleskes.



*Tarzan sprekt de bern ta*

Dan dochs noch mar in spultsje: in jungle-fariant op stoolledûnsjen. Alle bern steane yn in grutte rûnte. Der wurde fyftjin bananen útdield, dy't de bern trochjaan moatte. As de muzyk "ik heb geen bananen vandaag" ophâldt, binne dyjingen, dy't noch in banaan yn de hân hawwe ôf. Sadwaande bliuwe der fjouwer bern oer dy't in pryske krije.
"Time flies when you're having fun"; dat is Ingelsk foar dat de tiid sa hurd giet as it leuk is. Sa ek fan 'e jûn. Efkes in slow nûmerke. Earst steane allinne lieders Jorieke en Pier op it poadium close te dûnsjen, mar efkes letter binne oeral yn 'e seal jonkjes en famkes te finen dy't mei elkoar dûnsje; it iene keppeltsje wat closer as it oare, dat wol.

schoonheidssalon
JANNY BRAAM
• visagie
• gezichtsbehandeling
• manicure
Tjessingawei 11 • 9027 BH Hylaard • (058) 2519221

[ Smids DesignStudio ]
reclame & internet
Harlingertrekweg 85a 8914 AV Leeuwarden www.smids.nl

Voortaan dag en nacht TANKEN!
Euro 95
Super plus 98
Diesel
Autobedrijf Wielinga
De Lange Baan 2 8731 DZ Wommels
telefoon (0515) 332678 fax (0515) 333279
www.wielinga-wommels.nl • e-mail: info@wielinga-wommels.nl

SIETSE JORNA WURDUM
AGRARISCHE PRODUKTEN SPEELTOESTELLEN TECHNISCHE PRODUKTEN
UW GAZONMAAIER IS BIJ ONS IN GOEDE HANDEN!

Dealer van:
* SABO gazonmaaiers
* STIGA gazonmaaiers
* ROBIN bosmaaiers/bladblazers
* DOLMAR kettingzagen
* SNAPPER zitmaaiers
Eigen werkplaats voor:
* reparatie
* onderhoudsbeurt
* onderdelen service
telefoon 058 2552129 - www.sietsejorna.nl

Hankel's, de specialist op gebied van uitvoering, reparatie en onderhoud van:
Zink, koper en lood: daken, goten, afvoer, gevels en wanden.
Leiwerk en leibedekking: voor wand en dak.
duurzame kwaliteit
laat u informeren...
Dakwerk: zowel platte als hellende daken.
Betonboren en zagen.
Bliksembeveiliging en aardingen.
Tevens kunt u bij ons terecht voor advies en inkoop van materialen.
Hankel's
Technisch bedrijf
Walperterwei 338 - 8731 CD Wommels
Tel. 0515 333800 - Fax 0515 333792
info@hankels.nl - www.hankels.nl
Hankel's Technisch bedrijf: Vraag vrijblijvend uw prijs aan!

BOUWBEDRIJF
S.J. DE JONG
Het adres voor al uw: Nieuwbouw
Verbouw
Onderhoud
Kozijnen, ramen en deuren
Levering materialen
Grienedyk 2 - Wirdum - tel. 058-2551961
NVOB
24-UURS SERVICE

TAPIJT STUNTER
Wommels
www.tapijtstunter.nl
De Lange Baan 10
(industrieterrein)
Wommels
0515 332605
GROTE VERKOOP
TAPIJTCOUPONS
keuze uit honderden!

tuinaanleg en sierbestrating - minishovel verhuur
agrarische dienstverlening - levering zand, grind en teeltaarde

SIBE
Swierstra
Greatebuoren 37 9024EJ Weidum Tel. 06 23102848

# Docht de lieding it foar de bern?

**In minsk hat motivaasje nedich as er wat dwaan moat, om't er ferleard is fan syn gefoel út te dwaan wat er dwaan wol. Begripe jo it noch? Net neitinke, fierder lêze. By de Spulwike motivearret de lieding harsels it leafste mei de leus: wy dogge it foar de bern. Goed, in te begripen slachsin, mar kloppet er ? Docht de lieding mei fanwege de bern? In rûngong by de lieding del, oer har motivaasje om oan de Spulwike mei te dwaan.**

Syn skonken binne like lang as it lytste famke út syn groep. Mei syn twa meter stekt lieder Andrys fier boppe de groep út en dat fynt er bêst. "Ik bin net sa'n pedagooch dy't de hele dei de bern yntinsyf begeliedt. Begryp my goed, ik doch myn stjonkende bêst, mar haw in oare fysje oer it lieding wêzen. Meidwaan omwille fan de bern? Hoepelje op. Ik doch mei ûndanks de bern, ha, ha." Sjoch, dat binne ûnthullings. Dat is de sensaasje dy't dit blêd brûke kin.

Se sit noch wat bleu foar har út te sjen. It is har earste Spulwike en se kin it har noch heuge dat ik lieder wie. Dat kin ik mysels al hast net mear heuge, sa lang is it lyn. Har eagen binne lyts fan de lette jûn, folge troch in betide moarn. Se glinsterje lykwols. "Ik haw der echt sin yn. Lekker mei elkoar, mei bern, mei spullen". Liedster Anja jout sosjaal winsklike antwurden. Se tinkt dat ik dy graach hearre wol, mar ik bin op 'e syk nei hiele oare saken. "Earlik sein doch ik ek wol in bytsje mei fanwege de stúdzjepunten." Sjoch Anja, dat binne antwurden.

Margriet docht al jierren mei. Se komt út Grinslân, út Súdlaren. As se dat oan de bern fertelt, wurdt se konfrontearre mei in wrâldferneamd ferske oer in man dy't Bearend hiet fan foaren en Botje fan efteren. De goede man soe yn in boatsje te farren. Mar omdat de rûte soms rjocht wie en soms krom, kaam er noait yn Súdlaren werom.

Margriet komt dochs alle jierren in wykje werom yn Weidum. "De kick van de Spulwike zit hem in het groepsproces. Je bent samen bezig honderden kinderen te entertainen door ze leuke dingen aan te bieden. Ik doe niet mee om de kinderen, maar om dat proces. Dat laat onverlet dat ik het werken met kinderen helemaal te gek vind."

Goed, dizze lytse rûngong leart ús dat de lieding it echt net fanwege de bern docht, mar it noflik fynt dat der bern binne. Wêrom wurde dan lykwols altyd dy seis wurden sprutsen: "Wy dogge it foar de bern?". Ik beslút it Arjan de Koning fan de Weidumer haadlieding te freegjen.

"Mei Arjan"
Lokkich hy nimt op.
"Wêrom dochsto oan de Spulwike mei?"
"Sille wy it dêr jûn oer hawwe?"
"Nee, ik bin op 'e syk nei de wierheid en dy wol ik no witte. Wêrom dochsto mei?"

"Nee, ik bin op 'e syk nei de wierheid en dy wol ik no witte. Wêrom dochsto mei?"

"Fanwege de bern, fansels."
Spitich, hy wit syn rol en is tekstfêst.
"En de gesellichheid dan, de lange nachten?"
Miskien dat dit kiteljen him doch loslippich makket.

"Dat is myn b-motivaasje. A doch ik it foar de bern en omdat dat sa aardich is, is it jûns ek gesellich."
Hy hie dûmny wurde moatten.
"En wy as haadlieding, wy brûke dy sin op mominten dat wy tinke dat wy guon lieding even sjen litte moatte wêrom't sy ek al wer meidienen."
Sjoch dêr haw ik wat oan. De sin is gewoan in soarte fan terjochtwizing. Tink derom!

Ast de sin mar al te faak seist, wurdt er fansels wierheid. Nei de tûzenste kear leaust der fansels yn. Fansels is it wier dat elk dwaande is om de bern te fermeitsjen, mar ik doar te bewearen dat elk it yn earste ynstânsje foar him- of harsels docht. Omdat se it sa ferdomde aardich fine om bern te fermeitsjen.



* hotel
* camping
* sauna
* eetgelegenheid
* kanoverhuur
* passantenhaven
* trailerhelling

www.weidumerhout.nl

**WeidumerHout**

Dekemawei 9 - 9024BE Weidum - (058) 251 9888

*Een franse knipoog naar het Friese Platteland*

NORMAN
anti-virus software
v.a. € 53,55
(122 euro voor 3 jaar)



Houd viruselllende buiten de pc

*TC Plus bedrijfsautomatisering*

Tsjerkebuorren 3 8831 XH Winsum (Frl) **T** (0517) 34 24 00
**E** info@tcplus.nl **W** www.tcplus.nl

timmerbedrijf
j.p.de boer

hegedyk 13 9026 BA Jellum
telefoon 06 10 28 66 23

**autobedrijf Sypersma Oosterwierum**

Dilledyk 1 - 9021CV Oosterwierum
Tel.: 058-2501215
E-mail: info@autobedrijf-sypersma.nl



**Noord Nederlandse Reinigingsdienst**

**NNRD**

Gescheiden inzamelen van bedrijfsafval en papier middels rolcontainers variërend van 240 tot 5000 liter

Bouw- en sloopafvalcontainers van 5 tot 40 m³

Nationaal- en internationaal transport



kijk ook eens op www.HOLWERDA.com

Telefoon (0512) 334 334 Fax (0512) 334 305

***Auke Bruinsma Bouw***

Renovatie, onderhoud en nieuwbouw

| | | |
|---|---|---|
| **Te huur: Bedrijfsruimte** | **In** | **Wommels** |
| **Kantoren** | | **Franeker** |

En nog te realiseren nieuwe bedrijfsruimte.
Er kan nog met eisen van de huurder rekening worden gehouden.

Voor informatie bel 0517-341501
of 06-54794015

**BOUWBEDRIJF**
**VAN DER SLOOT**

- Nieuwbouw
- Verbouw
- Onderhoud
- Renovatie
- Restauratie
- Levering Kozijnen, ramen & deuren

BOUW GARANT

NVOB

Kleasterdyk 24, 8831 XC Winsum (Fr.), tel. 0517 - 34 16 30, fax 0517 - 34 23 18

**HdV** computers

Henk de Vries

*Automatisering & Webdesign*

Computers, randapparatuur en onderdelen. Computerbouw op maat.
Reparaties en virusverwijdering. Onderhoud en Advies. Webdesign.
Applicatie-ontwerp en ontwikkeling. Projecten.

Tel. 058 - 2501889 Fax 058 - 2501089
www.hdvcomputers.nl e-mail:info@hdvcomputers.nl
Wij leveren diensten producten aan midden- en kleinbedrijf en particulieren

# Mediateam: je hoeche net gekte wêzen mar it helpt wol!



*It mediateam, 2005 (Tsjerk, Klaas, Wybo en Tjerk)*

It mediateam is miskien wol ien fan de leukste kommisjes fan de Spulwike; wy kinne it witte, want wy hawwe it no trije jier dien. Ast yn it mediateam sitst, krijst echt in totaalbyld fan 'e wike; reizgest nei alle trije doarpen, hast mei in hiel soad minsken kontakt en sjochst sadwaande wat der allegearre bart oeral (want dat fertelle dyselde minsken dy echt wol). Dyn ritme is fansels al wat oars as dat fan de lieding. Oerdeis hast it faak wat rêstiger, sjitst wat moaie plaatsjes en makkest wat oantekens, mar dêrnei moatte der al stikjes skreaun wurde en geskikte foto's útsocht wurde.

Wy hawwe der altyd in soad lol yn hân om de krante, en fan it jier it magazine, foar jim te meitsjen. Wy tinke lykwols dat it goed is dat der nije minsken yn it mediateam komme, dy't mei in frisse blik ferslach dwaan kinne fan spultsjes en oare saken, want wy hawwe fansels alles al wol in kearke sjoen, as ferslachjouwers en earder as lieding. Wylst it krekt moai is om net alles fuortendaliks pleatse te kinnen. Wêrom dogge dy bern wat se dogge? Hoe wurket dat spultsje? Hoe is dat no, om mei trekker en wein al dy doarpen by del te gean?

Asto ris echt sjen wolst wat it no is, dy Spulwike, dêr't dyn freonen & freondinnen it altyd oer hawwe, moatst by it mediateam. En dan witst ynienen better wêr'tst it oer hast as dyselde freonen, want dy hawwe allinne mar sjoen hoe't it yn of Littens, of Weidum, of Easterwierrum giet. Fynst it boppedat ek noch aardich om in stikje te skriuwen, moaie foto's te meitsjen, te sjen hoe't lieding en bern de Spulwike belibje en yn july de gemeente troch te cruisen, dan, wy hawwe it al earder sein, moatst gewoan echt yn dat mediateam.
It is fansels goed mooglik datst ek noch allegearre oare hiele wichtige saken by de ein hast; dat kinne wy ús goed foarstelle, want dat hawwe wy ek. Om koart te gean, ast net de hiele wike, mar al de heale kinst, of in pear dagen, of gewoan in dei, dan kin dat ek. Dan planne wy dy gewoan yn op de tiidstippen datsto derby wêze kinst.

**Bist ynteressearre? Nim dan efkes kontakt op mei Wybo Smids, e-mail smt@spulwike-littenseradiel.nl, till.: 06-51368317.**

---

Foto's meitsje?
Thússide byhâlde?
Ferhalen skriuwe?

Meld dy oan foar
it Mediateam
fan 2006

smt@spulwike-littenseradiel.nl



**Foar JIP**



**Foar JANNEKE**

It is wat. Jip en Janneke binne beide siik. Se kinne net nei de Spulwike ta en lizze beide op de bank. Se hiene der sa'n sin oan. Mem wol har treaste. Mem hat in foto makke. Ien foar Jip en ien foar Janneke. Sjoch mar ris goed nei de beide foto's. Sjochsto de seis ferskillen?

## Willem syn pallets en de spikerbroeken

WEIDUM - "Is it no de fjirde as fiifde kear dat ik hjir kom?", freget Willem Pot. As sjauffeur by tegelhannel Julius v/d Werf yn Snits, bringt hy fiif dagen yn 'e wike tûzenen kantemeters tegels foar flierren en baaikeamers it hiele lân troch. Op de freedtemiddei foar de Spulwike, set hy yn syn frije tiid in lytse twahûndert pallets del op it Weidumer skoppersfjild. Foar de "Jungle-arena" dy't dêrfan boud wurde sil. "It is al de fiifde kear, Willem", sis ik. En wylst de merkefierders fan Weidum oan it spikerbroeken hingjen binne boppe de kikkersleat, makket Willem de "Julius-frachtwein" rêstich leech. Takom jier mar wer Willem?








## Sponsorkommisje hellet 130 stipers binnen

WEIDUM / LITTENS / EASTERWIERRUM - As non-profit organisaasje, moatte wy ús hyltyd mear dwaande hâlde mei kostebehearsking. Elk dûbeltsje wurdt inkelde kearen omdraaid. Sûnt ferline jier is der lykwols wat feroaring yn kaam mei de oprjochting fan de kommisje dy't stipers wint: de sponsorkommisje.
De sponsorkommisje hat himsels ta doel steld jild op te heljen om de Spulwike sadwaande duorsum te ferbetterjen. As der foarhinne wat oanskaft wurde moast, giene hja mei de pet rûn om it mooglik te meitsje te kinnen. De lieding betelle de shirts foar de bern sels.



*De sponsorkommisje 2005*

Lokkich wie de Spulwike sa leuk, dat de lieders dat der graach foar oer hiene.
Inkelde jierren lyn is nei in dialooch mei de gemeente it sels oanskaffen fan shirts troch de lieding ôfskaft. Fan no ôf waarden se betelle en útdield op de twadde liedinggearkomste. It betsjutte de earste stap yn de rjochting nei mear finansjele mooglikheden. De oprjochting fan de sponsorkommisje twa jier lyn wie de folgjende grutte stap. En mei it binnenheljen fan stipers, moast der dochs ek in medium komme, dêr't de stipers yn sjen koene dat hja stipen. Mar fansels wie dat net de iennige reden dat der in krante kommen is. Want earst wie in groepke Spulwike-lieders al op it idee kommen om in mediateam op te setten, dy't de Spulwike coverje soe en de Spulwike-thússide ûnderhâlde koe. En sa kamen twa saken by elkoar; soks kin somtiden ta moaie saken liede. Sa kaam it dat yn 2003 de earste Spulwike-krante útjûn waard. De krante is dat jier besoarge by alle bern dy't meidiene en hûs oan hûs ferspraat yn de trije Spulwike-doarpen. Ferline jier koene wy al grutter útpakke: de krante waard yn de hiele gemeente hûs oan hûs ferspraat. Dat sil fan it jier wer barre, en soks kin ek mei in oplage fan krapoan fiiftûzen eksimplaren.
Henk Ernst, Sabine Dijkstra, Albert Jonker, Cees Sietsma en Wybo Smids, de leden fan de sponsorkommisje, hellen fan it jier mar leafst 130 stipers binnen foar de Spulwike. In geweldich oantal foar in betreklik lytse gemeente as Littenseradiel! De Spulwike mei dizze fiif minsken wol koesterje en grutsk op har wêze, hiel grutsk.

## Stipers

Neist alle advertearders yn it Spulwike magazine wurdt de Spulwike mei mooglik makke troch:

| | |
|---|---|
| A. en M. Lifestyle | Easterein |
| Admin. en Assur.kant.Hettinga | Mantgum |
| ALMAR Schilderwerken | Wiuwert |
| Bestratingsbedrijf Zwaagman | Húns |
| Bloemsierkunst "De Kaardebol" | Mantgum |
| Cafe de Driesprong | Winsum |
| Cafe De Haan | Wiuwert |
| Het Wapen van Baarderadeel | Jorwert |
| De Gaardenier | Wommels |
| Douma's Timmer- en Meubelfabr. | Easterwierrum |
| Drukkerij 't Anker | Ljouwert |
| Elsbeth & Martin | Amersfoort |
| Eppie Veenstra Schilderwerken | Baard |
| Fa. H.W. Koning | Winsum |
| Fa. Tjerkstra Electro | Wommels |
| Heibedrijf Gerbrandy | Wommels |
| Hoveniersbedrijf T. Melein | Easterwierrum |
| It Winkeltsje | Mantgum |
| Kniplokaeltsje | Easterein |
| RRS. Noord | Stiens |
| Stipepot Winsum | Winsum |
| Studio Dyk | Mantgum |
| Studio Roscher | Weidum |
| Swannet en Pieter | Aldeboarn |
| Versloot-kartografy | Hylaard |

**Trekkerriders Weidum**

| | |
|---|---|
| Tjebbe de Vries | Auke Flapper |
| Johannes Monsma | Kees Elgersma |
| Jehannes Bakker | Arjan de Koning |

## Materiaalstipers

In soad bedriuwen wolle har stipe graach jaan oan de spulwike troch it skinken of mei koarting leverjen fan materialen.

| | |
|---|---|
| Acro textiles | Ljouwert |
| Autobedrijf Wielinga | Wommels |
| Bakker Metaalbewerking | Winsum |
| Bakkerij Sybersma | Boksum |
| Bouwbedrijf Keuning B.V. | Wiuwert |
| Bouwbedrijf S.J. de Jong | Wurdum |
| Cafe H. Bonnema | Mantgum |
| Drukkerij van der Eems | Easterein |
| Edwin Meester Theatertechniek | Grou |
| De Tapijtstunter | Wommels |
| Hema Foto service | Frjentsjer |
| Jarich Noordmans | Spannum |
| Julius van der Werf | Snits |
| M. van Kammen Cateringservice | Aldtsjerk |
| Meermarkt Meetsma | Deinum |
| NNRD | Drachten |
| Nedac Sorbo B.V. | Duiven |
| Plus Ernst | Mantgum |
| Poiesz Supermarkten | Snits |
| Resi Wooncentrum | Wommels |
| Sibe Swierstra | Weidum |
| Sietse Jorna Agri-Service | Wurdum |
| Smids DesignStudio | Ljouwert |
| Stichting Holle Bolle Tsjing | Alde Bildtsyl |
| Sytse Douwe van der Vegt BV | Weidum |
| Troefmarkt A&P de Jong | Weidum |
| TTT software | Balk |
| IJspaleis | Lelystad |
| WBW Tentenverhuur | Ljouwert |

## Van der Eems hat de tiid om krante te printsjen

EASTEREIN - "Komt de krante op 'e tiid klear?", "Hoe let moatte wy de boel oanleverje?" en "Rêde jim it dan noch?" Samar wat fragen dy't Durk Jorrit van der Eems nei de holle smiten waarden. "Rêstich bliuwe jonges, jim leverje de boel mar oan, wy printsje it wol", krigen wy dan as antwurd op sokke fragen. En it waard printe. Wy moasten de boel freedtemoarn om in oere as 10 oanleverje en dan koe de krante deselde deis noch klear wêze. Wy as mediateam moasten tongersdei de hiele nacht troch wurkje om ien en oar op 'e tiid ôf te hawwen. De freedtemoarns fan in oere as alve ôf, belle Durk Jorrit ús dan op om ris te freegjen oft der al wat ûnderweis wie. In oer te let al. Yn it twadde jier dat wy as mediateam aktyf wiene, kaam de krante pas middeis om in oere as twa by Van der Eems oan. En wer kaam it goed. "Ach, it is foar ús ommers ek in prachtige wize om in bydrage te leverjen oan de Spulwike", relativearre Durk Jorrit ús fertraging dan. "Wy dogge it graach foar jim en as jo sjogge hoefolle bedriuwen as har meiwurking ferliene oan 'e Spulwike, binne wy der grutsk op dat wy dat op dizze wize dwaan meie". Fan it jier sil it lykwols wat rêstiger wêze by de drukker út Easterein. De krante wurdt in pear wike nei de Spulwike pas (ôf)makke, en se krije der by Van der Eems samar twa dagen de tiid foar om 'm te printsjen. Wy sitte der net oer yn dat it net goed komme sil.

mear ynfo: www.vandereems.nl



## Advertearders

| | |
|---|---|
| "Knipkeamer Rixt" | Wurdum |
| A.C.R. | Winsum |
| Administratiekantoor Brinksma | Langwar |
| Asbestsan. Visser en van Gunst | Grou |
| Atlas Leesmap | Ljouwert |
| Auke Bruinsma Bouw | Leons |
| Autobedrijf Sypersma | Easterwierrum |
| Autohuis Winsum | Winsum |
| Bakkerij Posthuma | Wommels |
| Boersma Schilderwerken | Easterwierrum |
| Bos Mechanisatie BV | Lollum |
| Bouwbedrijf Bootsma | Easterwierrum |
| Bouwbedrijf Sietse Lok | Easterlittens |
| Bouwbedrijf Van der Kooy | Jellum |
| Bouwbedrijf van der Sloot | Winsum |
| Camping Weidumer hout | Weidum |
| De Groot dakbed. zinkwerk | Hylaard |
| De Lachende Koe (Sneek) | Snits |
| Eetcafé Jonker Sikke | Jellum |
| Elephant off road Equipment | Easterein |
| F. de Boer Schilderwerken | Bears |
| Fa J. van der Meer & Zn. | Easterwierrum |
| Finish Betonvloertechniek | Idskenhuzen |
| Fratsaria | Weidum |
| Gebr. Dijkstra | Hylaard |
| Greidanus Metselwerken | Hylaard |
| H.B. Bergwerff | Baard |
| Hankel's Technisch Bedrijf | Wommels |
| Henk de Vries Computers | Mantgum |
| Herbergh Het Wapen van Frl | Easterlittens |
| Hessel's Toiletwagenverhuur | Stiens |
| Ingenieursbureau Oranjewoud | it Hearrefean |
| Insite Design | Hylaard |
| Jaap Hoekstra | Easterwierrum |
| Jansma wegen en milieu BV | Drachten |
| Keet Winsum | Winsum |
| Klaversma Bouwbedrijf | Mantgum |
| Klussenbedriuw "It Wiel" | Weidum |
| Simon van den Berg | Weidum |
| Lankhorst Touwfabrieken | Snits |
| Leanbedriuw Okkema | Easterein |
| Loonbedrijf A.S. Greydanus | Jellum |
| Loonbedrijf Frankena | Winsum |
| MA2 Architectenburo | Mantgum |
| Marne techniek | Wommels |
| MVM Zonwering | Winsum |
| Mr. G.S. van der Hem | Jorwert |
| P & W Car repair and paint | Winsum |
| P. Terpstra Consultancy | Mantgum |
| Paul Drijver | Dronryp |
| Poask Hengelsport | Mantgum |
| Qstitch Simone Roos | Mantgum |
| Rabobank | Frjentsjer |
| Restaurant De Vijf Sinnen | Weidum |
| Royal Keukens | Wiuwert |
| Schildersbedrijf Walinga | Baard |
| Schoonheidssalon Janny Braam | Hylaard |
| Syb van Dijk | Winsum |
| t' Skipperke | Baard |
| TC Plus Bedrijfsautomatisering | Winsum |
| D.A. Reekers | Easterlittens |
| Terpstra & Kooi | Snits |
| Terra Nova Hoveniersbedrijf | Wurdum |
| Timmerbedrijf J.P. De Boer | Jellum |
| TMB De Jong BV | Wommels |
| Transportbedrijf Tamminga | Weidum |
| Van der Heide Schilders | Wirdum |
| Van der Zee | Lutjelollum |
| VoF S. Hempenius & Zoon | Grou |
| W. Fopma Milieuadvisering | Mantgum |
| Wheagan M.C.S. | Wommels |
| Wildkamp B.V. | Winsum |
| Jorritsma Bouw B.V. | Boalsert |
| Kapsalon Mathilda | Bitgumermolen |
| Puur Opleidingen | Hylaard |
| metsel-voegbedrijf T Haakma | Wommels |
| Volumemarkt Tolsma | Winsum |

**Op hokker wize dan ek.......tige tank foar al jim stipe.....GEWELDICH!!!**


IT WIE WER GEWELDICH,
OANT OAR JIER!!
SPULWIKE
LITTENSERADIEL